

# 1 Samuël

## 1

### Tocht nei Sjilo

<sup>1</sup> Der wie ris in man út Ramataïm-Sofim, út it berchlân fan Efraïim. Syn namme wie Elkana, de soan fan Jerocham, de soan fan Elihû, de soan fan Tochû, de soan fan Sûf, in Efratyt. <sup>2</sup> Hy hie twa froulju; de namme fan de iene wie Hanna en de oare hiet fan Peninna. Peninna hie bern, mar Hanna net. <sup>3</sup> Alle jierren reizge de man fan syn stêd nei Sjilo om de HEAR fan de himelske machten te oanbidden en him offers te bringen. De beide soannen fan Ely, Pinechas en Chofny, wiene dêr prysters fan de HEAR. <sup>4</sup> De deis dat Elkana offere, joech er syn frou Peninna en al har soannen en dochters in poarsje fan it offerfleis. <sup>5</sup> Mar Hanna joech er ien bysûndere poarsje, want hy hie Hanna leaf; mar de HEAR hie har skurte tasletten. <sup>6</sup> Om't de HEAR har skurte tasletten hie, terge en tarte har meifrou har om har grimmitich te krijen. <sup>7</sup> Sa gie it jier op jier, sa faak as hja nei it hûs fan de HEAR reizge. Dan narre sy har sa, dat se skriemde en net iet. <sup>8</sup> Doe sei Elkana, har man, tsjin har: 'Hanna, wêrom skriemsto, wêrom ytst net en wêrom bist sa mismloedich? Bin ik dan net goed foar dy, wol mear as tsien soannen?'

### Gebed fan Hanna

<sup>9</sup> Mar Hanna gie oerein, nei't se yn Sjilo iten en dronken hiene. Ely, de pryster, siet op in stoel by de doarpost fan 'e timpel fan de HEAR. <sup>10</sup> Fol bitterheid bidde se ta de HEAR en se skriemde tige. <sup>11</sup> Doe die se in gelofte en sei: 'HEAR fan de himelske machten, as jo wier myn ellinde sjogge en oan my tinke en jo tsjinstfaam net ferjitte, mar har in soan jouwe, dan sil ik him foar syn hiele libben oan de HEAR jaan. Der sil gjin skearmes op syn holle komme.' <sup>12</sup> Doe't se lang bidden bleau ta de HEAR, seach Ely nei har mûle, <sup>13</sup> want Hanna prate yn harsels; inkeld har lippen beweegden, mar der kaam gjin lûd út har mûle, dat Ely miende dat sy dronken wie. <sup>14</sup> Doe sei Ely tsjin har: 'Hoelang silsto dronken bliuwe? Set dyn wyn oan 'e kant.' <sup>15</sup> Mar Hanna antwurde: 'Nee, mynhear, ik bin in frou mei in swier moed. Wyn of sterke drank haw ik net dronken, mar ik haw myn hert útstoart foar de HEAR. <sup>16</sup> Hâld jo tsjinstfaam net foar in frou fan neat, want fanwegen myn grut fertriet en hertsear haw ik sa lang sprutsen.' <sup>17</sup> Doe antwurde Ely: 'Do moatst yn frede fuortgean. De God fan Israel sil dy jaan, dêr'tsto him om frege hast.' <sup>18</sup> Hja sei: 'Lit

jo tsjinstfaam jo geunst krije.' Doe gie de frou fuort. Se iet en it fertriet wie fan har gesicht ferdwûn.

### Berte fan Samuël

<sup>19</sup> Sy giene der moarns betiid ôf, bûgden harren del foar de HEAR en giene werom nei harren hûs yn Rama. Dêrnei hie Elkana mienskip mei syn frou en de HEAR tocht om har.

<sup>20</sup> Dat mei ferrin fan tiid waard Hanna swier en krige in soan. Hja neamde him Samuël, want, sei se, ik haw de HEAR om him frege.

<sup>21</sup> Doe't har man, Elkana, mei syn hiele húshâlding wer op reis gie om it jierliks offer te bringen foar de HEAR en oan syn gelofte te foldwaan, <sup>22</sup> gie Hanna net mei, mar se sei tsjin har man: 'As de jonge fan it boarst ôf is, dan sil ik him bringe en sil hy foar de HEAR ferskine. Dan sil er dêr foar altyd bliuwe.' <sup>23</sup> Elkana, har man, sei tsjin har: 'Do moastst dwaan sa't it dy goed taliket. Bliuw thús oant er fan it boarst ôf is en mei de HEAR wiermeitsje wat er sein hat.' En de frou joech har soan it boarst oant er derôf koe.

### Samuël nei Sjilo

<sup>24</sup> Doe't er fan it boarst ôf wie, naam se him mei en brocht him nei it hûs fan de HEAR yn Sjilo, mei in trinterbolle, ien efa moal en in krûk wyn. Hy wie noch mar in lytse jonge.

<sup>25</sup> Sy slachten de bolle, en sy brochten it jonkje nei Ely. <sup>26</sup> Hja sei: 'Nim it my net kwea ôf, mynhear, mar sa wier as mynhear libbet, ik bin dy frou dy't by jo stie om te bidden ta de HEAR. <sup>27</sup> Om dit jonkje haw ik bidden en de HEAR hat my jûn dêr't ik him om frege haw.

<sup>28</sup> Dêrom jou ik him no oan de HEAR. Alle dagen fan syn libben is hy oan de HEAR jûn.' En it jonkje bûgde him dêr del foar de HEAR.

## 2

### Hanna har lofliet

<sup>1</sup> Doe bidde Hanna en sei:

'Myn hert jubelet om de HEAR.

De HEAR hat myn oansjen ferhege.

Myn mûle iepenet him wiid tsjin myn fijannen,  
want ik ferbliidzje my yn jo rêding.

<sup>2</sup> Gjinien is sa hillich as de HEAR.

Want bûten jo is der gjinien  
en der is gjin rots as ús God.

<sup>3</sup> Wês net sa faak sa heechmoedich yn jimme praten,  
lit net hieltiten arrogante taal út jimme mûle komme.

De HEAR is ommers in God dy't alles wit,  
troch him wurde de dieden metten.

<sup>4</sup> De bôge fan 'e heldhaftige manlju is brutsen,

mar dy't stroffelen, hawwe wer krêft opdien.

<sup>5</sup> Dy't sêd wiene, ferhiere harren foar brea,  
mar dy't hongere hiene, kinne der goed fan libje.

Dy't ûnfruchtber wie, kriget sân bern,  
mar dy't in soad soannen hie, is útlippe.

<sup>6</sup> De HEAR lit stjerre en hy lit libje,  
hy lit sakje yn it deaderyk en omheechkomme.

<sup>7</sup> De HEAR makket earm en hy makket ryk,  
hy fernederet, mar ferheget ek.

<sup>8</sup> Hy rjochtet de helpeaze út it stof oerein,  
út it slyk tilt hy de earmen omheech  
om harren sitte te litten by de eallju,  
en harren in erflike earesit te jaan.  
Fan de HEAR binne ommers de pylders fan de ierde;  
dêr hat er de wrâld op fêstset.

<sup>9</sup> Hy bewarret de gongen fan dy't him trou binne,  
mar de kweadoggers komme yn 'e tsjusternis om.  
Want net troch krêft is de minske sterk.

<sup>10</sup> Dy't tsjin de HEAR rebellearje, sille brutsen wurde;  
oer harren sil hy it yn 'e himel tongerje litte.  
De HEAR sil rjochtsprekke oant de úteinen fan 'e ierde.  
Hy jout krêft oan syn kening  
en hy ferheget it oansjen fan syn salvling.'

<sup>11</sup> Doe gie Elkana nei syn hûs yn Rama, mar de jonge tsjinne de HEAR ûnder it each fan de pryster Ely.

### Ely syn soannen

<sup>12</sup> De soannen fan Ely wiene mannen fan neat; sy koene de HEAR net. <sup>13</sup> It wie it rjocht fan de prysters oer it folk dat as ien in fleisoffer brocht, dan kaam, wylst it fleis noch sea, in feint fan 'e pryster mei in foarke mei trije toskes yn syn hân. <sup>14</sup> Hy stuts dy dan yn 'e pot, yn de panne, yn 'e tsjettel of yn 'e itensiederspôt. Alles wat de trijetine ophelle, naam de pryster foar himsels. Sa diene se mei alle Israeliten dy't dêr yn Sjiilo kamen.

<sup>15</sup> Sels al foardat sy it fet oanstutsen hiene, kaam de feint fan 'e pryster en sei tsjin de man dy't offere: 'Jou de pryster fleis om te brieden, want hy wol gjin sean fleis fan dy oannimme, mar rau.' <sup>16</sup> As dy man dan tsjin him sei: 'Moat it fet earst net oanstutsen wurde foardat jo nimme wat jo wolle?' dan sei er tsjin him: 'Nee, jo moatte it op slach jaan, oars sil ik it mei geweld nimme.' <sup>17</sup> De sûnde fan de jonge manlju wie tige grut yn de eagen fan de HEAR, want de manlju minachten it offer foar de HEAR.

<sup>18</sup> Mar Samuël tsjinne by de HEAR; in jongeman yn in linnen efod – in prysterkleed.

<sup>19</sup> Syn mem makke alle jierren in lytse mantel foar him en brocht him dy as se mei har

man kaam om it jierliks offer te bringen. <sup>20</sup> Dan seinige Ely Elkana en syn frou en sei: 'Mei de HEAR dy neiteam jaan út dizze frou, foar him yn it plak dêr't se de HEAR om frege hat.' En dan giene se wer nei syn wenplak. <sup>21</sup> De HEAR tocht yndied om Hanna, dat se waard swier en krige noch trije soannen en twa dochters. En de jonge Samuël groeide op by de HEAR.

<sup>22</sup> Doe't Ely tige âld wurden wie en alles hearde wat syn soannen mei de Israeliten diene, en dat se slepten by de froulju dy't tsjinnen by de yngong fan 'e tinte fan 'e moeting, <sup>23</sup> sei er tsjin harren: 'Wêrom dogge jimme sokke dingen, sokke minne streken dy't ik hear fan it hiele folk?' <sup>24</sup> Sa net, myn soannen: it is wier net folle goeds dat ik it folk fan de HEAR fertellen hear. <sup>25</sup> As ien minske sûndiget tsjin in oar minske, dan sil God tuskenbeide komme; mar as in minske sûndiget tsjin de HEAR, wa sil dan foar him pleitsje?' Mar sy lústeren net nei wat harren heit sei, want de HEAR wie fan doel harren te deadzjen. <sup>26</sup> Mar de jonge Samuël groeide, yn lingte en yn wurdearring, sawol by de HEAR as by de minsken.

### Ely wurdt it oardiel oansein

<sup>27</sup> Doe kaam in Godsman by Ely en sei tsjin him: 'Dit seit de HEAR: Haw ik my net bekend makke oan dyn heite hûs, doe't sy yn Egypte yn 'e macht wiene fan it hûs fan de Farao?' <sup>28</sup> Ut alle stammen fan Israel haw ik him útkeazen as myn pryster, om by myn alter op te gean, it reekoffer oan te stekken, om yn myn oanwêzigens de efod – it prysterkleed – te dragen. En alle fjoerooffers fan 'e Israeliten haw ik dyn heite hûs jûn. <sup>29</sup> Wêrom skoppe jimme dan sa tsjin myn fleisoffers en moaloffers oan, dy't ik yn myn wenning hjitten haw, en earesto dyn soannen mear as my? Dat jimme jimme fetmeste mei it bêste fan alle offers dy't it folk Israel my bringt?' <sup>30</sup> Dêrom – seit de HEAR, de God fan Israel – yndied haw ik sein: Dyn hûs en dyn heite hûs sille my foar altiten tsjinje; mar no – seit de HEAR – gjin sprake fan! Want dy't my earje, sil ik earje, mar dy't my ferachtsje, sille ferachtlik wêze. <sup>31</sup> Wier, de dagen komme, dat ik dyn krêft en de krêft fan dyn heite hûs brek, dat der gjin âldman yn dyn hûs wêze sil. <sup>32</sup> Do silst de benearing fan myn wenning oanskôgje, by al it goede dat ik oan Israel dwaan sil. En yn dyn hûs sil der nea gjin âldman mear wêze. <sup>33</sup> Ik sil ien fan dyn neiteam by myn alter oerhâlde, mar dat is om dyn eagen fersmachtsje en dysels úttarre te litten. Mar de oaren sille stjerre yn 'e krêft fan harren libben. <sup>34</sup> En dit sil foar dy in teken wêze dat oer dyn beide soannen, oer Hofni en Pinehas, komme sil: op ien en deselde dei sille se beide stjerre. <sup>35</sup> Ik sil in betroubere pryster oanstelle, dy't nei myn hert en yn myn geast hannelje sil. Ik sil syn famylje bestean litte en altyd sil hy myn salvling tsjinje. <sup>36</sup> Elk dy't oerbleaun is fan dyn famylje, sil komme en foar him bûge om in bytsje jild of in stik brea, en sizze: "Nim my dochs oan foar ien fan 'e prystertsjinsten, dat ik in stikje brea te iten haw.'"

## 3

### God ropt Samuël

<sup>1</sup> De jonge Samuël tsjinne de HEAR yn de oanwêzichheid fan Ely. Yn dy dagen klonken der selden wurden fan de HEAR; fizjoenen kamen selden foar. <sup>2</sup> Op in dei, wylst Ely him deljûn hie op syn plak – syn eagen waarden njonkelytsen sa min dat er net mear sjen koe – <sup>3</sup> en Gods lampe noch net útgien wie en Samuël him deljûn hie yn 'e timpel fan de HEAR, dêr't Gods arke stie, <sup>4</sup> rôp de HEAR Samuël. Hy sei: 'Hjir bin ik.' <sup>5</sup> Hy draafde nei Ely ta en sei: 'Hjir bin ik al, want jo hawwe my roppen.' Mar hy sei: 'Ik haw net roppen. Jou dy mar del.' En hy gie fuort en joech him del. <sup>6</sup> Mar de HEAR rôp Samuël nochris. Samuël kaam oerein, gie nei Ely ta en sei: 'Hjir bin ik, want jo hawwe my roppen.' Mar hy sei: 'Ik haw dy net roppen, myn jonge; jou dy mar del.' <sup>7</sup> Mar Samuël koe de HEAR noch net; der wie him noch gjin wurd fan de HEAR bekendmakke. <sup>8</sup> Doe rôp de HEAR Samuël op 'e nij, de tredde kear. Hy kaam oerein, gie nei Ely ta en sei: 'Hjir bin ik, want jo hawwe my roppen.' Doe begriep Ely dat it de HEAR wie dy't de jonge rôp. <sup>9</sup> Dat Ely sei tsjin Samuël: 'Do moatst dy wer deljaan. As hy dy dan wer ropt, moatst sizze: Sprek, HEAR, want jo tsjinner lústeret.' Doe gie Samuël en joech him wer del op syn plak. <sup>10</sup> Doe kaam de HEAR, bleau stean en rôp lykas de oare kearen: 'Samuël, Samuël.' En Samuël sei: 'Sprek, want jo tsjinner lústeret.' <sup>11</sup> En de HEAR sei tsjin Samuël: 'Sjoch, ik bin mei wat dwaande yn Israel, dêr't elk dy't it heart, raar fan ophearre sil. <sup>12</sup> Dy deis sil ik oer Ely alles wat ik oer syn hûs sein haw, komme litte, fan it begjin ôf oan 'e ein ta. <sup>13</sup> Ik sil him oansizze dat ik syn hûs oardielje sil oant yn ivichheid, om de wandied dêr't er fan wist. Dat syn soannen in flok oer harren helle hawwe en dat hy harren net te plak set hat. <sup>14</sup> Dêrom haw ik it hûs fan Ely sward: De skuld fan Ely syn hûs sil yn ivichheid net tadutsen wurde, net troch fleisoffers en net troch moaloffers.' <sup>15</sup> Samuël bleau oan de moarns ta lizzen. Doe die er de doarren fan it hûs fan de HEAR iepen. Mar Samuël seach dertsjinoan om dit fizjoen oan Ely te fertellen. <sup>16</sup> Doe rôp Ely Samuël en sei: 'Samuël, myn soan.' Hy sei: 'Hjir bin ik.' <sup>17</sup> Ely sei: 'Wat hat hy tsjin dy sein? Hâld it dochs net ferburgen foar my. God sil dy witwat dwaan en noch mear, asto in wurd efterhâldst fan alles dat hy tsjin dy sprutsen hat.' <sup>18</sup> Doe fertelde Samuël him alles en hold neat ferburgen foar him. Ely sei: 'It is de HEAR. Lit him dwaan wat goed is yn syn eagen.'

<sup>19</sup> Samuël woeks op en de HEAR wie mei him en liet al syn wurden útkomme. <sup>20</sup> En hiel Israel, fan Dan oan Beër-Sjêba ta, wist dat Samuël betrouber wie as profeet fan de HEAR. <sup>21</sup> De HEAR ferskynde faker yn Sjilo, en iepenbiere him oan Samuël yn Sjilo mei syn wurd.

## 4

<sup>1</sup> En it wurd fan Samuël berikte hiel Israel.

### De arke meinommen

De Israeliten setten ôf om mei de Filistinen te fjochtsjen en legeren harren by Eben-Haëzer, wylst de Filistinen harren yn Afek legeren. <sup>2</sup> De Filistinen stelden harren op yn slachoarder tsjin de Israeliten oer. Doe't de striid him útwreide, waarden de Israeliten ferslein troch de Filistinen. Sy deaden yn 'e slach yn it fjild sa'n fjouwertûzen man. <sup>3</sup> Doe't

it folk werom wie yn it legerkamp, seine de âldsten fan Israel: 'Wêrom hat de HEAR ús hjoed troch de Filistinen ferslaan litten? Lit ús de arke fan it ferbûn mei de HEAR út Sjilo weihelje, dat hy yn ús fermidden komt en ús rêdt út 'e macht fan ús fijannen.' <sup>4</sup> En it folk stjoerde boaden nei Sjilo en sy droegen de arke fan it ferbûn mei de HEAR fan de machten, dy't op 'e kearûbs troanet, dêrwei. De beide soannen fan Ely, Hofni en Pinechas, wiene dêr by de arke fan it ferbûn mei de HEAR. <sup>5</sup> Doe't de arke fan it ferbûn mei de HEAR yn it kamp kaam, makken alle Israeliten wol sa folle lûd, dat de ierde dreunde. <sup>6</sup> De Filistinen hearden dat lûd en sy seine: 'Wat betsjut dat lûd geskreau yn it kamp fan de Hebreërs?' Doe't se te witten kamen dat de arke fan de HEAR yn it kamp kommen wie, <sup>7</sup> waarden de Filistinen benaud, want, seine se: 'God is yn it kamp kommen.' En se seine: 'Wee ús, want soks wie earder net sa. <sup>8</sup> Wee ús, wa rêdt ús út 'e macht fan dizze machtige goaden? Dit binne de goaden dy't de Egyptners mei alderhande pleagen slein hawwe yn 'e woestyn. <sup>9</sup> Wês sterk en manhaftich, Filistinen; dat jimme de Hebreërs net hoege te tsjinjen, lykas sy jimme tsjinne hawwe! Wês manhaftich en striid.' <sup>10</sup> Doe strieden de Filistinen en Israel waard ferslein, elkenien flechte nei hûs. It wie in hiel grutte slach; der foelen fan Israel tritichtûzen man fuotfolk. <sup>11</sup> Gods arke waard meinommen en de beide soannen fan Ely, Chofny en Pinechas, stoaren.

### **Ely syn dea**

<sup>12</sup> Doe rûn in Benjaminyt hurd út de slachoarder wei en kaam dyselde deis noch yn Sjilo oan mei skuorde klean en grûn op syn holle. <sup>13</sup> Wylst er oankaam, siet Ely op in stoel oan 'e kant fan 'e wei út te sjen, want hy siet tige yn noed oer Gods arke. Doe't de man oankommen wie en it bekend makke yn 'e stêd, skreaude de hiele stêd it út. <sup>14</sup> Doe't Ely it geskreau hearde, sei er: 'Wat is dat foar lûde opskuor?' Doe rûn de man der gau hinne en fertelde it Ely. <sup>15</sup> Ely wie achtennjoggentich jier en syn eagen stiene stiif, dat hy koe net mear sjen. <sup>16</sup> De man sei tsjin Ely: 'Ik kom út de slachoarder, hjoed bin ik sels út de slachoarder flechte.' En hy sei: 'Wat is der bard, myn soan?' <sup>17</sup> De boade joech antwurd. Hy sei: 'Israel is flechte foar de Filistinen en der hat in grutte slach west ûnder it folk. Ek jo beide soannen, Chofny en Pinechas, binne stoarn en Gods arke is meinommen.' <sup>18</sup> Doe't er dat fan Gods arke neamde, foel Ely efteroer fan 'e stoel njonken de poarte, bruts syn nekke en stoar, want de man wie âld en swier. Hy hie Israel fjirtich jier rjochte.

### **Dea fan Pinechas syn frou**

<sup>19</sup> Syn skoandochter, de frou fan Pinechas, wie swier en rûn op alle dagen. Doe't se it berjocht hearde dat Gods arke meinommen wie en har skoanheit en har man stoarn wiene, kromp sy yninoar, foel yn swiere weeën en krige it bern. <sup>20</sup> Doe't se op stjerren lei, seine de froulju dy't by har stiene: 'Wês mar net bang, want jo hawwe in soan krige.' Hja antwurde net en sloech it gjin acht. <sup>21</sup> Se neamde it jonkje Ikabod en sei: 'De eare is fuort út Israel.' Om't Gods arke meinommen wie, en om har skoanheit en har man. <sup>22</sup> Se sei: 'De eare is fuort út Israel, want Gods arke is meinommen.'

## 5

### De arke by de Filistinen

<sup>1</sup> Doe't de Filistinen Gods arke meinommen hiene, brochten se dy fan Eben-Haëzer nei Asjdod. <sup>2</sup> De Filistinen namen Gods arke mei, brochten dy yn 'e timpel fan Dagon en setten him njonken Dagon del. <sup>3</sup> De oare moarns wiene de Asjdoditen der al betiid by en sjoch: Dagon wie op syn antlit op de grûn fallen foar de arke fan de HEAR. Sy namen Dagon op en setten him wer teplak. <sup>4</sup> De oare deis wiene se der betiid yn 'e moarntiid al ôf en sjoch: Dagon wie op syn antlit op de grûn fallen foar de arke fan de HEAR, mar Dagon syn holle en syn beide hannen leine ôfbrutsen op 'e drompel. Dagon hie inkeld noch in romp. <sup>5</sup> Dêrom stappe de prysters fan Dagon en allegearre dy't yn 'e timpel fan Dagon yn Asjdod komme oan hjoed-de-dei ta net op Dagon syn drompel.

<sup>6</sup> De HEAR strafte de Asjdoditen swier. Hy brocht harren yn panyk en rekke se mei swolmen, yn Asjdod en syn gebieten. <sup>7</sup> Doe't de mannen fan Asjdod seagen dat it sa gie, seine se: 'De arke fan de God fan Israel moat net by ús bliuwe, want hy is hurd oer ús en oer ús god Dagon.' <sup>8</sup> Doe sammelen se alle foarsten fan 'e Filistinen, en seine: 'Wat sille wy dwaan mei de arke fan de God fan Israel?' Sy antwurden: 'Ferhúzje de arke fan de God fan Israel nei Gat.' En sy ferhuzen de arke fan de God fan Israel. <sup>9</sup> Mar nei't se him ferpleatst hiene, rekke de hân fan de HEAR de stêd mei in hiel grutte panyk; hy rekke de manlju fan dy stêd fan 'e lytste oant de grutste sadat swolmen by harren útbrutsen.

<sup>10</sup> Doe stjoerden se Gods arke nei Ekron. Mar doe't Gods arke yn Ekron kaam, skreauden de Ekroniten it út en seine: 'No hawwe se de arke fan de God fan Israel nei ús ferpleatst. Dat sil ús en ús folk stjerre litte!' <sup>11</sup> En se sammelen alle foarsten fan 'e Filistinen, en seine: 'Helje de arke fan de God fan Israel fuort. Lit him nei syn plak weromkeare, oars lit er ús en ús folk stjerre.' Want der wie in deadlike panyk yn de hiele stêd kommen, Gods hân wie hurd oer harren. <sup>12</sup> De manlju dy't net stoarn wiene, wiene rekke troch swolmen, en it jammerjen om help fan 'e stêd stiigde op nei de himel.

## 6

### De arke werom nei Israel

<sup>1</sup> De arke fan de HEAR wie sân moanne yn it gebiet fan 'e Filistinen. <sup>2</sup> Doe rôpen de Filistinen de prysters en wiersizzers en seine: 'Wat moatte wy dwaan mei de arke fan de HEAR? Lit ús witte hoe't wy dy weromstjoere moatte nei syn plak.' <sup>3</sup> Sy antwurden: 'As jimme de arke fan de God fan Israel God weromstjoere, stjoer dy dan net werom sûnder wat derby. Jimme moatte him in skuldoffer weromjaan. Dan sille jimme genêzen wurde en it sil jimme dúdlik wêze wêrom't hy hurd oer jimme bliuwt.' <sup>4</sup> Doe seine se: 'Watfoar skuldoffer sille wy him werom jaan?' Sy seinen: 'Fiif gouden swolmen en fiif gouden mûzen, neffens it oantal fan de Filistynske foarsten. Want it is ien en deselde pleach oer jimme allegearre en oer jimme foarsten.' <sup>5</sup> Jimme moatte bylden meitsje fan jimme

swolmen, en fan jimme mûzen dy't it lân ferniele, en de God fan Israel de eare jaan. Miskien hâldt er dan op om jimme te straffen, jimme goaden en jimme lân. <sup>6</sup> Wêrom soene jimme jimme hert ôfslute, lykas de Egyptners en Farao harren koppich fersette? Hawwe sy, doe't de God fan Israel harren swier rekke hie, de Israeliten net gean litte moatten, dat sy fuort koene? <sup>7</sup> Dat jimme moatte in nije wein meitsje, en twa nijmelke kij nimme, dy't noch gjin jok op hân hawwe. Span de kij foar de wein, mar helje harren keallen derby wei en helje se werom nei hûs. <sup>8</sup> Nim dan de arke fan de HEAR en set dy op de wein. Lis dan de foarwerpen fan goud, dy't jimme de HEAR werom jouwe as in skuldoffer, yn in kistke dêrnjonken en stjoer him dan fuort. <sup>9</sup> En jimme moatte sjen: as er de wei opgiet nei harren grins, nei Bet-Sjêmesj, dan wie it de God fan Israel dy't ús dit grutte kwea oandien hat, mar sa net, dan witte wy dat it syn hân net wie, dy't ús rekke hat. It is ús dan by tafal oerkommen.' <sup>10</sup> Sa diene de manlju it. Sy namen twa nijmelke kij, spanden dy foar de wein en sleaten de keallen op yn 'e hûs. <sup>11</sup> Sy setten de arke fan de HEAR en it kistke mei de gouden mûzen en bylden fan de swolmen op de wein. <sup>12</sup> En de kij setten de wei út, rjocht op Bet-Sjêmesj oan. Al baltende holden se harren oan 'e grutte wei, sûnder nei rjochts of links ôf te wiken. De Filistynske foarsten rûnen efter harren oan oant it gebiet fan Bet-Sjêmesj.

### De arke yn Bet-Sjêmesj

<sup>13</sup> De minsken fan Bet-Sjêmesj wiene yn 'e flakte dwaande mei it rispjen fan 'e weet. Doe't se opseagen, en de arke seagen, wiene se bliid. <sup>14</sup> De wein kaam it fjild fan Josjûa de Betsjêmyt yn en bleau dêr stean. Dêr lei in grutte stien. En se spjalten it hout fan 'e wein en offeren de kij as brânoffer foar de HEAR. <sup>15</sup> De Leviten hiene de arke fan de HEAR derôf tild, en it kistke dat dernjonken stie, dêr't it goudguod yn siet, en setten se op de grutte stien. En de minsken fan Bet-Sjêmesj brochten dy deis brânoffers en fleisoffers oan de HEAR. <sup>16</sup> Doe't de fiif Filistynske foarsten dat sjoen hiene, giene se deselde deis werom nei Ekron.

<sup>17</sup> Dit binne de gouden swolmen dy't de Filistinen as in skuldoffer oan de HEAR werom jûn hiene: ien foar Asjdod, ien foar Gaza, ien foar Asjkelon, ien foar Gat en ien foar Ekron.

<sup>18</sup> De gouden mûzen wiene neffens it tal fan alle Filistynske stêden dy't ûnder de fiif foarsten stiene, fan de fêstingstêd oan it doarp op in iepen plak ta. De grutte stien\* dêr't se de arke fan de HEAR op set hawwe, leit oant hjoed-de-dei yn it fjild fan Josjûa de Betsjêmyt.

<sup>19</sup> De HEAR deade guon fan 'e manlju fan Bet-Sjêmesj, om't se nei de arke fan de HEAR sjoen hiene. Hy deade fan dat folk santich man.\* Doe rouwe it folk om't de HEAR in grutte slachting ûnder it folk oanrjochte hie.

### De arke nei Kirjat-Jeërim

---

\* (6:18) Stien - neffens de Septuaginta en de Targoem.

\* (6:19) Santich man - Hebriuwsk: 'santich man, fyftich tûzen man'.

<sup>20</sup> En de manlju fan Bet-Sjêmesj seine: 'Wa kin oerein bliuwe foar de HEAR, dizze hillige God? Hy moat by ús wei, mar wêrhinne?' <sup>21</sup> Doe stjoerden se boaden nei de ynwenners fan Kirjat-Jeärim en seine: 'De Filistinen hawwe de arke fan de HEAR werombrocht. Kom del en bring him nei jimme.'

## 7

<sup>1</sup> De manlju fan Kirjat-Jeärim kamen en hellen de arke fan de HEAR op. Sy brochten him nei it hûs fan Abinadab op de heuvel, en sy hilligen syn soan Elazar om soarch te dragen foar de arke fan de HEAR.

### De Filistinen by Mispa ferslein

<sup>2</sup> Sûnt dyselde dei bleau de arke fan de HEAR yn Kirjat-Jeärim, en de dagen ferrûnen; it waarden tweintich jierren. It hiele folk fan Israel hold fêst oan de HEAR. <sup>3</sup> Doe sei Samuël tsjin it hiele folk fan Israel: 'As jimme mei it hiele hert weromkeare wolle ta de HEAR, doch dan de frjemde goaden en de Astartes fuort út jimme fermidden, set jimme hert op de HEAR en tsjinje him allinne. Dan sil hy jimme rêde út 'e macht fan de Filistinen.' <sup>4</sup> De Israeliten diene de Baäls en de Astartes fuort en sy tsjinnen de HEAR allinne. <sup>5</sup> Doe sei Samuël: 'Sammelje hiel Israel yn Mispa, dan sil ik foar jimme ta de HEAR bidde.' <sup>6</sup> En sy sammelen harren yn Mispa, en se putten wetter en geaten it út foar de HEAR. Se fêsten dy deis en seine dêr: 'Wy hawwe sûndige tsjin de HEAR.' Sa rjochte Samuël de Israeliten yn Mispa.

<sup>7</sup> Doe't de Filistinen hearden dat de Israeliten sammele wiene yn Mispa, teagen de Filistynske foarsten op tsjin Israel. De Israeliten hearden dat, en wiene bang foar de Filistinen. <sup>8</sup> De Israeliten seine tsjin Samuël: 'Hâld der net mei op om foar ús ta de HEAR, ús God, te roppen, dat hy ús rêde mei út 'e macht fan de Filistinen.' <sup>9</sup> Doe naam Samuël in sûchlaam en hy offere dat hielendal as in brânoffer foar de HEAR. Samuël rôp foar Israel ta de HEAR en de HEAR antwurde him. <sup>10</sup> En wylst Samuël it brânoffer brocht, kamen de Filistinen oansetten om tsjin Israel te striden. Mar de HEAR tongere dy deis mei in machtich lûd tsjin de Filistinen, hy ferbjustere harren en se waarden ferslein foar de Israeliten. <sup>11</sup> De mannen fan Israel teagen út Mispa en efterfolgen de Filistinen en fersloegen harren oant ûnder Bet-Kar. <sup>12</sup> En Samuël naam in stien en sette dy tusken Mispa en Sjen. Hy joech dy de namme Eben-Haëzer – stien fan de help. 'Want,' sei er: 'Oan hjir ta hat de HEAR ús holpen.'

<sup>13</sup> Sa waarden de Filistinen fernedere. Sy kamen net mear yn it gebiet fan Israel. De HEAR hold de Filistinen yn betwang salang as Samuël libbe. <sup>14</sup> De stêden, dy't de Filistinen Israel ôfnommen hiene, kamen wer oan Israel, fan Ekron ôf oan Gat ta. It gebiet dat derby hearde, rêden de Israeliten út de macht fan 'e Filistinen. En it wie frede tusken Israel en de Amoriten.

<sup>15</sup> Samuël wie syn hiele libben lang rjochter oer Israel. <sup>16</sup> Alle jierren die er in omgong oer Bet-El, Gilgal en Mispa en op al dy plakken rjochte hy Israel. <sup>17</sup> Dan gie er werom nei

Rama, want dêr stie syn hûs en dêr rjochte hy Israel. Hy boude dêr in alter foar de HEAR.

## 8

### It folk freget om in kening

<sup>1</sup> Doe't Samuël âld wurden wie, stelde er syn soannen oan as rjochters oer Israel. <sup>2</sup> Syn âldste hiet fan Joël en syn twadde Abia. Sy wiene rjochters yn Beër-Sjêba. <sup>3</sup> Mar syn soannen giene oare wegen as harren heit. Se wiene út op winst, namen geskinen oan en bûgden it rjocht. <sup>4</sup> Doe sammelen alle âldsten fan Israel harren, en sy kamen by Samuël te Rama. <sup>5</sup> Sy seine tsjin him: 'Jo binne âld wurden en jo soannen geane net jo wegen. Stel dêrom in kening oer ús om ús te rjochtsjen, lykas alle folken dat hawwe.'

<sup>6</sup> Mar yn Samuël syn eagen wie it ferkeard dat sy seine: 'Jou ús in kening om ús te rjochtsjen.' Samuël bidde ta de HEAR. <sup>7</sup> Mar de HEAR sei tsjin Samuël: 'Lústerje nei de stim fan it folk, nei alles wat se tsjin dy sizze. Want sy hawwe dy net ôfwiisd, mar my hawwe se ôfwiisd as kening oer harren. <sup>8</sup> Krekt sa't se dien hawwe fan de dei ôf dat ik harren út Egypte brocht oan hjoed-de-dei ta, dat se my ferlitten en oare goaden tsjinne hawwe, sa dogge se no ek mei dy. <sup>9</sup> Dat jou harren harren sin mar. Allinne, warskôgje harren tige en meld harren wat de rjochten binne fan de kening dy't oer harren hearskje sil.' <sup>10</sup> En Samuël brocht alle wurden fan de HEAR oer oan it folk, dat in kening fan him frege hie. <sup>11</sup> Hy sei: 'Dit sil it rjocht fan de kening wêze dy't oer jimme hearskje sil: Jimme soannen sil hy jimme ôfnimme en dy opstelle by syn wein en syn ruters, en sy sille foar syn wein út drave moatte. <sup>12</sup> Hy sil harren oanstelle as offisieren oer tûzen en oer fyftich. Sy sille syn lân ploegje moatte en syn rispinge ynhelje. Se sille syn wapens meitsje moatte en syn striidweinen útrisse. <sup>13</sup> Jimme dochters sil er ôfnimme as salvemingsters, kokkinnen en baksters. <sup>14</sup> Jimme bêste stikken lân, druvetunen en olivehôven sil er jimme ôfnimme en oan syn tsjinnars jaan. <sup>15</sup> De opbringst fan jimme lân en druvetunen sil er tsienden fan nimme en dy oan syn hovelingen en syn tsjinnars jaan. <sup>16</sup> De bêsten fan jimme tsjinnars en fammen en jimme sterkste jongfeinten en jimme ezels sil er nimme foar syn wurk. <sup>17</sup> Jimme skiep sil er in tsiende part fan nimme en jimme sille syn tsjinnars wêze. <sup>18</sup> As jimme it dan útroppe fanwegen jimme kening dy't jimme sels keazen hawwe, dan sil de HEAR jimme net antwurdzje.'

<sup>19</sup> It folk wegere lykwols nei Samuël te lústerjen. Sy seine: 'Nee, wy moatte wol in kening oer ús hawwe. <sup>20</sup> Dan sille ek wy gelyk wêze oan alle folken. En ús kening sil ús rjochtsje en giet foar ús út en striidt ús oarloggen.'

<sup>21</sup> Samuël hearde alle wurden fan it folk oan, en joech dat troch oan de HEAR. <sup>22</sup> Doe sei de HEAR tsjin Samuël: 'Jou harren harren sin en stel in kening oer harren oan.' En Samuël sei tsjin de manlju fan Israel: 'Jimme moatte gean, elk nei syn eigen stêd.'

## 9

## Saul treft Samuël

<sup>1</sup> No wenne der in man yn Benjamin dy't Kisj hjitte, de soan fan Abiël, de soan fan Seror, de soan fan Bekoarar, de soan fan Afiach, in hikke en teine Benjaminyt; in foarnaam en ryk man. <sup>2</sup> Dy hie in soan dy't Saul hjitte, in flinke en kreaze jonge; ja, der wie ûnder de Israeliten net ien better as him. Hy stuts mei kop en skouders boppe al it folk út.

<sup>3</sup> De ezelinnen fan Kisj, Saul syn heit, wiene ferdwûn. En Kisj sei tsjin syn soan: 'Nim mar ien fan 'e feinten mei en gean derop út om de ezelinnen te sykjen.' <sup>4</sup> Sa gie er troch it berchlân Efraïm en it gebiet Sjalisja, mar sy fûnen se net. En se giene troch it gebiet Saälim, mar wer neat. Doe giene se troch it lân fan Benjamin, mar se koene se net fine. <sup>5</sup> Doe't se yn it gebiet fan Sûf kamen, sei Saul tsjin syn feint dy't er by him hie: 'Kom, lit ús weromgean, oars tinkt ús heit aanst oan gjin ezelinnen mear, mar sit er oer ús yn.' <sup>6</sup> Mar hy sei tsjin him: 'Yn dizze stêd is in Godsman. Dy man is tige yn oansjen. Alles wat er seit, komt grif út. Lit ús dêr dochs hinnegean; miskien kin hy ús melde hokker wei oft wy gean moatte.' <sup>7</sup> Mar Saul sei tsjin syn feint: 'As wy dêrhinne geane, wat soene wy foar dy man meinimme moatte? Want it brea yn ús sekken is op en in jefte foar de Godsman hawwe wy ek net meinommen. Wat hawwe wy?' <sup>8</sup> De feint antwurde Saul nochris en sei: 'Hjir fyn ik noch in fjirde fan in sulveren sikkell. Dy sil ik oan de Godsman jaan, dan meldt hy ús wol hokker wei oft wy gean moatte.' <sup>9</sup> Eartiids sei yn Israel ien dy't op 'en paad gie om God te rieplachtsjen: 'Kom, lit ús nei de sjenner gean.' Want wat tsjintwurdich in profet is, neamden se eartiids in sjenner. <sup>10</sup> Saul sei tsjin syn feint: 'Dat hasto goed sein. Kom, lit ús gean.' En se giene nei de stêd dêr't de Godsman wie. <sup>11</sup> Doe't se de hichte nei de stêd opgiene, troffen se fammen dy't de stêd út kamen om wetter te putten. 'Is de sjenner der ek?' fregen se harren. <sup>12</sup> Se antwurden har: 'Ja, hy is krekt foar jimme oankommen. Mar jimme moatte avensearje, want hy is hjoed nei de stêd kommen foar it offermiel dat it folk hjoed hat op 'e offerhichte. <sup>13</sup> As jimme no de stêd yn geane, dan sille jimme him treffe, ear't er de offerhichte op giet om te iten. Want it folk sil net ite ear't hy komt, want hy seiniget it offer, en dêrnei ite de útnûge gasten. Dat gean no, dan sille jimme him noch krekt treffe.' <sup>14</sup> Se giene nei de stêd. Mei't se de stêd yn kamen, kaam Samuël nei bûten ta, harren yn 'e mjitte, om nei de offerhichte te gean.

<sup>15</sup> In dei foardat Saul kommen wie, hie de HEAR Samuël iepenbiere: <sup>16</sup> 'Moarn om dizze tiid sil ik dy in man stjoere út it lân Benjamin. Salvje him ta foarst oer myn folk Israel. Hy sil myn folk rêde út de macht fan de Filistinen. Want ik haw nei myn folk omsjoen, om't harren gerop ta my kommen is.' <sup>17</sup> Doe't Samuël Saul seach, sei de HEAR tsjin him: 'Dat is de man, fan wa't ik sein haw: Hy sil myn folk ûnder kontrôle hâlde.' <sup>18</sup> Saul kaam op Samuël ta midden yn 'e poarte en sei: 'Kinne jo my ek sizze wêr't hjir it hûs fan de sjenner is?' <sup>19</sup> Samuël antwurde Saul en sei: 'Iksels bin de sjenner. Gean foar my út de offerhichte op, dat jimme hjoed mei my ite. Moarnier lit ik jo gean, en jo melde wat jo op it hert hawwe. <sup>20</sup> Wat de ezelinnen oangiet dy't jo trije dagen lyn kwytrekke binne, sit dêr mar net oer yn, want dy binne al werom. Foar wa is al it leaflike fan Israel? It is dochs foar

jo en foar jo heit syn hiele hûs.' <sup>21</sup> Mar Saul antwurde: 'Ik bin dochs in Benjaminsyn, út ien fan 'e lytste stammen fan Israel? Is myn famylje net de lytste fan alle famyljes fan de stam fan Benjamin. Wêrom sizze jo dan sokke dingen tsjin my?'

### Saul by Samuël oan 't miel

<sup>22</sup> Samuël naam Saul en syn feint mei en brocht harren yn de keamer, en hy joech harren in eareplak ûnder de útnûge gasten, sa'n tritich man. <sup>23</sup> Doe sei Samuël tsjin de kok: 'Nim it stik dat ik dy jûn haw en dêr't ik dy fan sein haw, datst it apart hâlde soest.'  
<sup>24</sup> De kok naam de efterbout en tsjinne dy op foar Saul. Samuël sei: 'Hjir is wat foar jo apart holden is. Yt, mei wat deroan sit, want it is foar jo bewarre, foar dizze gearkomste, doe't ik it folk nûge.' Sa iet Saul dy deis mei Samuël. <sup>25</sup> Dêrnei giene se by de offerhichte del de stêd yn. En hy spruts mei Saul op it dak. <sup>26</sup> Se kamen der betiid ôf en wylst de dage oan 'e loft kaam, rôp Samuël tsjin Saul op it dak: 'Meitsje jo klear, dan sil ik jo gean litte.' Doe makke Saul him klear en sy giene beide, hy en Samuël, nei bûten ta. <sup>27</sup> Wylst se oan de râne fan 'e stêd kamen, sei Samuël tsjin Saul: 'Sis tsjin de feint dat er ús foarútgiet.' Doe't er foarútgien wie, sei Samuël: 'Bliuwe jo efkes stean, dan sil ik jo fertelle wat God te sizzen hat.'

## 10

### Saul as kening salve

<sup>1</sup> Hy naam in krûkje mei oalje en geat Saul dy út oer syn holle, tute him en sei: 'Hjirby salvet de HEAR jo ta foarst oer it folk dat him taheart. <sup>2</sup> As jo strak by my weigeane, sille jo twa manlju oantrefte by it grêf fan Rachel, yn Selsach, yn it gebiet fan Benjamin. Dy sille tsjin jo sizze: 'De ezelinnen dêr't jo nei sykje, binne fûn. Jo heit hat de saak fan de ezelinnen fan him ôf set, mar oer jimme sit er yn noed en seit: "Wat moat ik no foar myn soan dwaan?"' <sup>3</sup> As jo dêrwei fierder geane en by de ikebeam fan Tabor komme, dan sille jo dêr trije manlju oantrefte, dy't ûnderweis binne nei it hûs fan God yn Bet-El. De earste hat trije bokjes by him, de twadde draacht trije bôlen en de tredde hat in wynkrûk. <sup>4</sup> Sy sille freegje hoe't it mei jo giet en jo twa bôlen jaan. Jo sille dy fan harren oannimme. <sup>5</sup> Dêrnei komme jo yn Gibeon-Elohim, by de wachtpost fan de Filistinen. En as jo dêr de stêd yn komme, komme jo in ploech profeten tsjin, dy't yn ekstaze fan 'e offerhichte ôfdale, mei foar harren út muzikanten mei harpe, tamboeryn, fluit en siter. <sup>6</sup> Dan sil de geast fan de HEAR jo oangripe en jo sille lykas harren yn ekstaze reitsje en in oar minske wurde. <sup>7</sup> As dizze tekens foar jo útkomme, doch dan wat dien wurde moat, want God stiet jo by. <sup>8</sup> Gean nei Gilgal, dan kom ik jo efternei om brânoffers te bringen en fredeoffers te slachtsjen. Wachtsje sân dagen, oant ik nei jo ta kom. Dêrnei lit ik jo witte wat jo dwaan moatte.'

### Saul wer nei hûs

<sup>9</sup> Sadree't er him omkearde om by Samuël wei te gean, feroare God syn hert, en al dy

tekens kamen dyselde deis út. <sup>10</sup> Sy kamen by Gibeä en in ploech profeten kaam him yn 'e mjitte. En de geast fan God griep him oan en hy rekke yn ekstaze yn harren fermidden. <sup>11</sup> Elk dy't him foartiids koe, seach hoe't er profetearre mei de profeten. En de minsken seine tsjininoar: 'Wat is der dochs mei de soan fan Kisj? Is Saul ek al ûnder de profeten?' <sup>12</sup> In man dêrwei reagearre: 'Wa is harren lieder?' Dêrom is it in sprekward wurden: Is Saul ek al ûnder de profeten? <sup>13</sup> Doe't er opholden wie mei profetearjen, kaam er op de offerhichte ta. <sup>14</sup> Saul syn omke sei tsjin him en tsjin syn tsjinstfeint: 'Wêr hawwe jimme hinne west?' Saul sei: 'Op syk nei de ezelinnen. Mar doe't wy se net fine koene, binne wy nei Samuël ta gien.' <sup>15</sup> Doe sei Saul syn omke: 'Fertel my ris: Wat hat Samuël sein?' <sup>16</sup> Saul antwurde: 'Hy hat ús sein dat de ezelinnen terjochte wiene.' Mar dat Samuël oer it keningskip sprutsen hie, fertelde er him net.

### Saul foar it hiele folk as kening oanwiisd

<sup>17</sup> Samuël rôp it folk nei Mispa, nei it hillichdom fan de HEAR <sup>18</sup> en sei tsjin de Israeliten: 'Dit seit de HEAR, de God fan Israel: Iksels haw Israel út Egypte fuortgean litten, en jimme rêden út de macht fan Egypte en alle keninkriken dy't jimme ûnderdrukke. <sup>19</sup> Mar jimme hawwe hjoed jimme God ôfwiisd, dy't jimme rêden hat fan al jimme bedrigingen en jimme benaudens. Jimme seine tsjin him: "Stel in kening oer ús." Dêrom, stel jimme op foar de HEAR neffens jimme stammen en jimme famyljes.' <sup>20</sup> Doe't Samuël alle stammen fan Israel tichteby komme litten hie, foel it lot op de stam Benjamin. <sup>21</sup> En doe't er de stam Benjamin neffens syn famyljes tichteby komme litten hie, foel it lot op de famylje fan de Matriten. Dêrnei waard Saul, de soan fan Kisj, oanwiisd. Doe sochten se him, mar hy wie net te finen. <sup>22</sup> Se fregen de HEAR nochris: 'Komt de man hjir noch?' En de HEAR sei: 'Hy hat him ferskûle tusken it guod.' <sup>23</sup> Doe draafden se dêrhinne en hellen him dêrwei, en doe't er tusken it folk stie, stuts er mei kop en skouders út boppe al it folk. <sup>24</sup> Doe sei Samuël tsjin it hiele folk: 'Sjogge jimme wa't de HEAR útkeazen hat? Der is ûnder it hiele folk net ien lykas him.' It hiele folk jubele en rôp: 'Lang sil de kening libje!' <sup>25</sup> Dêrnei hold Samuël it folk it keningsrjocht foar. Hy skreau it yn in boek, en lei it foar de HEAR. Doe liet Samuël it hiele folk gean, elk nei syn hûs.

<sup>26</sup> Saul gie ek nei syn hûs yn Gibeä, en de moedige manlju, dy't troch God dêrta oandreaun waarden, giene mei him mei. <sup>27</sup> Mar minsken fan neat seine: 'Soe sa'n ien ús rêde?' Se minachten him en brochten him gjin geskink. Mar hy hold him stil.

## 11

### Saul befrijt Jabesj

<sup>1</sup> Kening Nachasj fan Ammon luts op en belegere Jabesj yn Gileäd. Doe seine alle manlju fan Jabesj tsjin Nachasj: 'Slút in ferbûn mei ús en dan sille wy jo tsjinje.' <sup>2</sup> Mar Nachasj sei tsjin harren: 'Op dit betingst wol ik dat mei jimme slute: dat ik jimme allegearre it rjochtereach útstek. Sa sil ik hiel Israel te skande meitsje.' <sup>3</sup> Doe seine de

âldsten fan Jabesj tsjin him: 'Jou ús sân dagen de tiid, dat wy boaden stjoere kinne troch hiel Israel. Is der dan gjinien dy't ús rêdt, dan sille wy ús oan jo oerjaan.' <sup>4</sup> Doe't de boaden kommen wiene yn Gibeä dêr't Saul wenne, en dit boadskip oan hiel it folk oerbrochten, begûnen se allegearre lûd te skriemen. <sup>5</sup> Mar Saul kaam efter de kij oan út it fjild, en sei: 'Wat skeelt it folk dat se sa skrieme?' Doe fertelden se him it nijs fan de manlju fan Jabesj. <sup>6</sup> En Gods geast griep Saul oan doe't hy dat hearde, en hy waard poerliik. <sup>7</sup> Hy naam in span kij, houde se yn stikken en stjoerde dy mei boaden hiel Israel troch mei it boadskip: 'Sa sil der mei de kij dien wurde fan him dy't Saul en Samuël net folget.' Doe makke eangst foar de HEAR him fan it folk master en sy kamen as ien man op. <sup>8</sup> Hy meunstere harren yn Bêzek. Der wiene 300.000 Israeliten en 30.000 Judeeërs. <sup>9</sup> Tsjin de boaden dy't kommen wiene, seine se: 'Dit moatte jimme tsjin de manlju fan Jabesj yn Gileäd sizze: "Moarn, as de sinne op syn hjitst is, sille jimme rêden wurde."' Doe't de boaden weromkamen, fertelden se dat oan de manlju fan Jabesj en dy wiene bliid. <sup>10</sup> Doe antwurden de manlju fan Jabesj Nachasj: 'Moarn sille wy nei jimme ta gean. Dan kinne jimme alles mei ús dwaan wat jimme ek mar goed taliket.'

<sup>11</sup> De oare deis stelde Saul it folk op yn trije groepen en sy kamen mei de moarnswacht yn it legerkamp. En se fochten mei de Ammoniten oant de dei hjit waard. Dy't oerbleaune, ferstruiden sy, dat der gjin twa man byinoar bleaune. <sup>12</sup> Doe sei it folk tsjin Samuël: 'Wa is der no dy't sei: "Soe Saul kening oer ús wêze?" Leverje dy manlju oan ús út, dan sille wy se deadzje.' <sup>13</sup> Mar Saul antwurde: 'Dizze dei sil der gjin minske deade wurde, want de HEAR hat rêding brocht yn Israel.'

### Saul op 'e nij as kening oansteld

<sup>14</sup> Samuël sei tsjin it folk: 'Kom, lit ús nei Gilgal gean, en dêr it keningskip fernije.' <sup>15</sup> Doe gie hiel it folk nei Gilgal en dêr makken se Saul kening foar de HEAR. Se offeren dêr fredeoffers foar de HEAR, en Saul fierde in grut feest mei alle manlju fan Israel.

## 12

### Samuël nimt ôfskied

<sup>1</sup> Samuël sei tsjin hiel Israel: 'Ik haw alles dien wat jimme my sein hawwe, en in kening oer jimme oansteld. <sup>2</sup> Dêr stiet no de kening dy't jimme liede sil. Ik bin âld en griis wurden, en myn soannen binne hjir by jimme. Ik haw jimme laat fan myn jeugd ôf oant dizze dei. <sup>3</sup> Antwurdzje my tsjin de HEAR oer en tsjin syn salvling oer: Wa haw ik in bolle en wa in ezel ôfnommen? Wa haw ik ûnderdrukt en wa mishannele? Fan wa haw ik in geskink oannommen om de eagen earne foar ticht te knipen? Dan sil ik it jimme weromjaan.' <sup>4</sup> Sy seine: 'Jo hawwe ús net ûnderdrukt en ús net mishannele. Jo hawwe nea fan ien wat oannommen.' <sup>5</sup> Doe sei er tsjin har: 'De HEAR is jimme tsjûge en syn salvling is hjoed tsjûge, dat jimme neat by my fûn hawwe.' Se seine: 'Hy is tsjûge.'

<sup>6</sup> Fierder sei Samuël tsjin it folk: 'De HEAR is it dy't Mozes en Aäron oansteld hat en dy't

jimme foarâlden út Egypte brocht hat. <sup>7</sup> En no wol ik jimme rekkenskip freegje. Kom oerein, dan fertel ik jimme, yn oanwêzigens fan de HEAR, de woldieden dy't hy jimme en jimme foarâlden bewiisd hat.\* <sup>8</sup> Nei't Jakob yn Egypte kommen wie, rôpen jimme foarâlden ta de HEAR, en de HEAR stjoerde Mozes en Aäron en sy fierden jimme foarâlden út Egypte. Sy lieten harren op dit plak wenje. <sup>9</sup> Mar jimme foarâlden fergeaten de HEAR, harren God. Dêrom levere hy harren út oan Sisera, de legeroanfierder fan Hazor, yn 'e macht fan de Filistinen en fan de kening fan Moäb, dy't tsjin harren oarloch fierden. <sup>10</sup> Doe rôpen se ta de HEAR en seine: "Wy hawwe sûndige, want wy hawwe de HEAR ferlitten en de Baäls en Astartes tsjinne. Rêd ús dochs út de macht fan ús fijannen, dan sille wy jo tsjinje." <sup>11</sup> En de HEAR stjoerde Jerûbbaäl, Bedan, Jefta en Samuël en hy rêde jimme út de macht fan fijannen om jimme hinne en jimme koene feilich wenje. <sup>12</sup> Mar doe't jimme seagen dat Nachasj, kening fan 'e Ammoniten, jimme oanfoel, seine jimme tsjin my: "Nee, der moat in kening oer ús regearre." Mar de HEAR, jimme God, is jimme kening. <sup>13</sup> Hjir is dan de kening dy't jimme keazen hawwe en dêr't jimme om frege hawwe. De HEAR hat jimme in kening jûn. <sup>14</sup> As jimme mar ûntsach hawwe foar de HEAR en him tsjinje, en lústerje nei wat hy seit en net yn opstân komme tsjin wat de HEAR seit. As jimme en de kening dy't oer jimme regearret, de HEAR, jimme God, mar folgje. <sup>15</sup> Mar as jimme net lústerje nei de HEAR en yn opstân komme tsjin wat de HEAR seit, dan sil de HEAR him tsjin jimme keare, lykas er dien hat by jimme foarâlden. <sup>16</sup> Dat jimme moatte no oerein komme en it wûnder sjen dat de HEAR foar jimme dwaan sil: <sup>17</sup> Is om dizze tiid de weetrispinge net? Ik sil ta de HEAR roppe en dan sil er tongerslaggen en rein jaan. Want jimme moatte begripe hoe min oft it is yn 'e eagen fan de HEAR wat jimme dien hawwe troch in kening foar jimme te freegjen.'

<sup>18</sup> Doe rôp Samuël ta de HEAR en de HEAR joech dy deis tongerslaggen en rein. En it hiele folk krige tige grut ûntsach foar de HEAR en Samuël. <sup>19</sup> It hiele folk sei tsjin Samuël: 'Bid ta de HEAR, jo God, foar jo tsjinstfeinten, dat wy net stjerre. Want by al ús grutte kwea hawwe wy it noch slimmer makke trochdat wy in kening foar ús frege hawwe.'

<sup>20</sup> Doe sei Samuël tsjin it folk: 'Wês mar net bang. Ja, jimme hawwe dy ferkearde dingen dien. As jimme de HEAR no mar trou bliuwe en him mei jimme hiele hert tsjinje. <sup>21</sup> Nee, gean net by de HEAR wei, oars soene jimme dingen fan neat efternei rinne en dy kinne net helpe, noch rêde, om't se sûnder inhâld binne. <sup>22</sup> Om de wil fan syn grutte namme sil de HEAR syn folk net ferstjitte, want de HEAR hat besletten fan jimme syn folk te meitsjen. <sup>23</sup> Wat my oanbelanget, ik tink der net oer dat ik tsjin de HEAR sûndigje soe troch op te hâlden om foar jimme te bidden; ik sil jimme de goede en rjochte wei leare. <sup>24</sup> Dat haw ûntsach foar de HEAR en tsjinje him oprjocht mei jimme hiele hert. Want sjoch watfoar grutte dingen hy by jimme dien hat. <sup>25</sup> Mar as jimme dochs kwea dogge, dan is it mei jimme as mei jimme kening dien.'

---

\* (12:7) 'Dan fertel ik jimme', neffens de Septuaginta. Yn de Hebriuwsk tekst ûntbrekt dit.

### Saul ferspilet de geunst van Samuël

<sup>1</sup> Saul wie ... jier âld doe't er kening waard en hy hat twa ... jier oer Israel regearre.\*

<sup>2</sup> Saul keas trijetûzen man út Israel: twatûzen wiene by him yn Mikmas en yn it berchlân fan Bet-El, en tûzen wiene by Jonathan yn Gibeä yn Benjamin. De rest fan it folk liet er nei hûs ta gean. <sup>3</sup> Jonatan ferovere de wachtpost fan de Filistinen yn Geba, en de Filistinen hearden derfan. Doe liet Saul yn it hiele lân op de rammehoarn blaze, mei it boadskip: 'Lit it de Hebreërs hearre.' <sup>4</sup> Hiel Israel hearde it: 'Saul hat de wachtpost fan 'e Filistinen ferovere, dat no hat Israel it by de Filistinen bedoarn.' It folk waard oproppen om nei Gilgal te kommen, efter Saul oan.

<sup>5</sup> De Filistinen sammelen harren om mei Israel te striden: tritichtûzen weinen, seistûzen ruters en fuotfolk sa manmachtich as de sânkerlen fan it strân. De Filistinen teagen op en legeren harren yn Mikmas, eastlik fan Bet-Awen. <sup>6</sup> Doe't de Israeliten seagen dat se yn 'e knipe kamen – want it folk waard bedrige – ferskûle it folk him yn de grotten, hoalen, rotsspjalten, grêven en wetterputten. <sup>7</sup> Ek stutsen Hebreërs de Jordaen oer nei it gebiet fan Gad en Gileäd. Mar Saul wie noch yn Gilgal, en it hiele folk bleau bang by him. <sup>8</sup> Hy wachte sân dagen oant de tiid dy't Samuël sein hie. Mar doe't Samuël mar net yn Gilgal kaam en it folk by him wei rûn, <sup>9</sup> sei Saul: 'Bring my it brânoffer en de fredeoffers.' Doe offere hy it brânoffer. <sup>10</sup> Amper hie er it brânoffer offere of Samuël kaam deroan. Saul gie him yn 'e mjitte om him te begroetsjen. <sup>11</sup> Mar Samuël sei: 'Wat hawwe jo dien?' Saul sei: 'Ik seach dat it folk by my weirûn, om't jo net op 'e ôfprate tiid kamen en de Filistinen harren yn Mikmas sammelen. <sup>12</sup> En ik tocht: No komme de Filistinen op my ôf yn Gilgal wylst ik de HEAR noch net myld stimd haw. Dêrom haw ik my sterk makke en haw ik offere.' <sup>13</sup> Mar Samuël sei tsjin Saul: 'Jo hawwe dwaas dien. Jo hawwe it befel dat de HEAR, jo God, jo jûn hie, net opfolge. Oars soe de HEAR jo keningskip oer Israel realisearre hawwe oant yn ivichheid. <sup>14</sup> Mar no sil jo keningskip net oerein bliuwe. De HEAR hat him al in man nei syn hert útsocht en oansteld as foarst oer syn folk, want jo hawwe jo net holden oan wat de HEAR jo hjitten hie.' <sup>15</sup> Doe makke Samuël him klear en gie út Gilgal nei Gibeä yn Benjamin.

Saul telde it folk dat by him wie: sa'n seishûndert man. <sup>16</sup> Saul en syn soan Jonatan bleaune mei it folk dat by harren wie yn Geba yn Benjamin, wylst de Filistinen harren te Mikmas legere hiene. <sup>17</sup> Út it kamp fan de Filistinen giene trije ôfdielingen út om it lân te plonderjen. Ien ôfdieling sloech de wei yn nei Ofra, nei it gebiet Sjûal, <sup>18</sup> in oare sloech de wei yn nei Bet-Choaron en de tredde ôfdieling sloech de wei yn nei it gebiet dat útsjocht oer de Hyena-delling, nei de woestyn.

<sup>19</sup> No wie der yn it hiele lân Israel gjin smid te finen, want de Filistinen hiene sein: 'De Hebreërs meie gjin swurden of spearen meitsje.' <sup>20</sup> Dêrom moasten alle Israeliten nei de

---

\*(13:1) De (folsleine) oantallen ûntbrekke yn de Hebriuwsk tekst.

Filistinen ta om elk syn ploechizer, hak, bile of sichte\* slypje te litten.\* <sup>21</sup> Dat koste twatredde sikkal foar ploechizers, hakken, trijetynfoarken, bilen en okseprikken. <sup>22</sup> By it útbrekken fan de oarloch wie der by alle folk dat by Saul en Jonatan wie, gjin swurd of spear te finen. Allinne Saul en syn soan Jonatan hiene se.

### Jonatan begjint de striid

<sup>23</sup> De Filistinen hiene in wachtpost pleatst yn de pas fan Mikmas.

## 14

<sup>1</sup> Op in dei sei Jonatan, de soan fan Saul, tsjin de jongfeint dy't syn wapens droech: 'Kom, lit ús oerstekke nei de wachtpost fan de Filistinen, oan 'e oare kant.' Mar hy fertelde neat oan syn heit. <sup>2</sup> Saul siet oan 'e râne fan Gibeä ûnder de granaatapelbeam yn Migron. It folk dat er by him hie, wiene sa'n seishûndert man. <sup>3</sup> Achía, de soan fan Achitûb, de broer fan Ikabod, de soan fan Pinechas, de soan fan Ely, de pryster fan de HEAR yn Sjilo, droech de efod. It folk wist net dat Jonatan fuortgien wie. <sup>4</sup> Tusken de passen dêr't Jonatan besocht oer te stekken nei de wachtpost fan de Filistinen, wiene oan de iene en oan de oare kant skerpe klippen. De iene hjitte Boses en de oare Sêne. <sup>5</sup> De iene punt stie as in pylder op it noarden tsjin Mikmas oer en de oare op it suden tsjin Geba oer. <sup>6</sup> Jonatan sei tsjin syn wapendrager: 'Kom, lit ús oerstekke nei de wachtpost fan dizze ûnbesnienen; miskien sil de HEAR ús helpe, want it is foar de HEAR itselde oft hy rêdt troch in protte of inkelden.' <sup>7</sup> Syn wapendrager sei tsjin him: 'Doch alles wat jo fan doel binne. Gean mar, ik sil jo bystean by wat jo fan doel binne.' <sup>8</sup> Doe sei Jonatan: 'Wy stekke nei de manlju oer en litte ús troch harren ûntdekke. <sup>9</sup> As sy dan tsjin ús sizze: "Bliuw stean, oant wy by jimme binne", dan bliuwe wy stean dêr't wy binne en klimme wy net nei boppen. <sup>10</sup> Sizze se lykwols: "Kom nei boppen", dan klimme wy nei boppen, want dan hat de HEAR harren yn ús macht jûn en is dat foar ús in teken.' <sup>11</sup> Doe't se harren troch de Filistynske wachtpost ûntdekke lieten, seine de Filistinen: 'Sjoch, dêr komme Hebreërs út de hoalen tefoarskyn, dêr't se harren yn ferskûle hiene.' <sup>12</sup> En de manlju fan de wachtpost rôpen nei Jonatan en syn wapendrager: 'Kom nei boppen, dan sille wy jimme op it harspit nimme.' Doe sei Jonatan tsjin syn wapendrager: 'Gean efter my oan, want de HEAR hat harren yn 'e macht fan Israel jûn.' <sup>13</sup> Doe klom Jonatan op hannen en fuotten nei boppen en syn wapendrager folge him. Doe foelen se foar Jonatan, en syn wapendrager makke se ôf. <sup>14</sup> Dat wie de earste slach. Jonatan en syn wapendrager deaden sa'n tweintich man. Dit spile him ôf op in lyts terrein: net mear as de helte fan wat in span oksen yn in dei ploeket.\* <sup>15</sup> Doe kaam der in skrik yn it

---

\***(13:20)** 'Sichte' – Neffens de Septuaginta. De Hebriuwsk tekst werhellet de earste term, ploechizer.

\***(14:14)** 'In lyts terrein: net mear as de helte fan wat in span oksen yn in dei ploeket' – betsjutting fan it Hebriuwsk ûnwis.

legerkamp, yn it fjild en ûnder it hiele folk. Ja, ek de wachtpost en de plonderbinde beven. De ierde skodde; der bruts grutte panyk út. <sup>16</sup> De útkykposten fan Saul yn Gibeä yn Benjamin seagen dat de mannichte oerstjoer wie en hinne en wer rûn. <sup>17</sup> En Saul sei tsjin de manlju dy't by him wiene: 'Meunsterje jimme dochs en sjoch wa't by ús weigien is.' En sy meunsteren harren en seagen dat Jonatan en syn wapendrager der net wiene.

### **De Filistinen ferslein**

<sup>18</sup> Doe sei Saul tsjin Achía: 'Bring de arke fan God.' Want de arke fan God wie yn dy tiid by de Israeliten. <sup>19</sup> Noch wylst Saul tsjin de pryster spruts, waard de opskuor yn it legerkamp fan de Filistinen wat langer wat grutter. Dat Saul sei tsjin de pryster: 'Hâld mar op.' <sup>20</sup> Doe sammelen Saul en al syn manlju har. Mar doe't se op it plak fan de striid kamen, seagen se dat Filistinen op elkoar yn sloegen mei it swurd. It wie in tige grutte tizeboel. <sup>21</sup> De Hebreërs dy't foarhinne by de Filistinen wiene en dy't mei harren rûn it legerkamp oplutsen wiene, joegen harren ek by de Israeliten dy't by Saul en Jonatan wiene. <sup>22</sup> Doe't alle manlju fan Israel dy't harren yn it berchlân fan Efraïm ferskûle hiene, hearden dat de Filistinen flechten, giene ek dy harren efternei yn de striid. <sup>23</sup> Sa rêde de HEAR dy deis Israel.

### **Saul en Jonatan tsjininoaroer**

Doe't de striid fierder gie oant foarby Bet-Awen, <sup>24</sup> en de Israeliten de hiele dei op it uterste ferge waarden, beswarde Saul it folk en sei: 'Feflokt is de man dy't bôle yt foar it jûn is en ik my wreke haw op myn fijannen.' Dat net ien hat wat iten. <sup>25</sup> It hiele folk kaam yn it wâld, en der lei huning op de grûn. <sup>26</sup> Doe't it folk by de huningskiven kaam, wie it dêr ien en al huning. Gjinien lykwols brocht syn hân nei de mûle, want it folk wie bang foar de eed.

<sup>27</sup> Mar Jonatan hie net heard dat syn heit it folk swarre litten hie. Hy stuts it ein fan de stêf dy't er yn 'e hân hie, út en dipte him yn de huningskiif. Doe't er syn hân nei de mûle brocht, ljochten syn eagen op. <sup>28</sup> Mar in man út it folk spruts him oan en sei: 'Jim heit hat it folk in eed swarre litten: Feflokt is de man dy't hjoed bôle ite sil. Sadwaande wie elkenien alhiel ynein.' <sup>29</sup> Jonatan sei: 'Us heit helpt it lân yn it ûngelok. Sjoch dochs hoe't my de eagen opljochte binne no't ik in lyts bytsje fan dizze huning preaun haw. <sup>30</sup> Hie it folk hjoed mar frij iten hân fan de bú, dy't it by syn fijannen fûn hat. Want no hat de slachting ûnder de Filistinen net grut west.'

### **Saul ferbiedt it iten fan bloed**

<sup>31</sup> Sy fersloegen op dy dei de Filistinen fan Mikmas oan Ajalon ta. En it folk wie alhiel ynein. <sup>32</sup> Doe foelen se op 'e bú oan en se namen skiep, kij en keallen en slachten dy op 'e grûn en it folk iet se mei bloed en al. <sup>33</sup> En it waard Saul ferteld: 'It folk begiet in fergryp tsjin de HEAR, want it yt mei bloed en al.' Dêrop sei hy: 'Jimme misdrage jimme tige. Rôle daliks in grutte stien foar my del. <sup>34</sup> Ferspried jimme no ûnder it folk en sis tsjin har, dat elk syn ko of skiep by my bringe moat, en dat se hjir slachtsje en ite. Mar

jimme sille jimme net misdrage tsjin de HEAR troch it mei bloed en al te iten.' Doe brocht elkenien fan it folk dyselde nachts persoanlik syn ko en sy slachten se dêr.<sup>35</sup> En Saul boude in alter foar de HEAR. Dat wie it earste alter dat hy foar de HEAR boude.

### Jonatan rêden troch it folk

<sup>36</sup> Doe sei Saul: 'Lit ús fannacht de Filistinen efternei gean en harren berôvje, oant it ljocht wurdt. Wy sille gjinien fan harren oerbliuwe litte.' Sy seine: 'Doch alhiel sa't it jo goed taliket.' Mar de pryster sei: 'Lit ús earst God om ried freegje.'<sup>37</sup> Doe frege Saul God: 'Sil ik de Filistinen efternei gean en sille jo se dan yn 'e macht fan Israel jaan?' Mar God antwurde him dy deis net.<sup>38</sup> Saul sei: 'Litte alle liederen fan it folk hjir komme. Undersykje en sjoch, watfoar misdragingen hjoed plakfûn hawwe.'<sup>39</sup> Want sa wier as de HEAR, de rêder fan Israël, libbet, sels al leit it oan myn soan Jonatan, stjerre sil er.' Mar gjinien út it hiele folk antwurde.<sup>40</sup> Doe sei Saul tsjin hiel Israel: 'Gean jimme oan de iene kant stean, dan sille ik en myn soan Jonatan oan 'e oare kant stean.' It folk sei tsjin Saul: 'Doch sa't it jo goed taliket.'<sup>41</sup> Saul sei tsjin de HEAR: 'God fan Israel, bring de wierheid oan it ljocht.' Doe waarden Jonatan en Saul keazen, en it folk gie frijút.<sup>42</sup> Dêrop sei Saul: 'Smyt it lot tusken my en myn soan Jonatan.' En Jonatan waard keazen.<sup>43</sup> Dat Saul sei tsjin Jonatan: 'Fertel my watst dien hast.' Doe fertelde Jonatan it him. Hy sei: 'Ik haw in bytsje huning preaun mei it ein fan de stêf yn myn hân. Hjir bin ik, ik sil stjerre.'<sup>44</sup> Saul sei: 'De HEAR mei my witwat dwaan en noch slimmer, stjerre silsto, Jonatan.'<sup>45</sup> Mar it folk sei tsjin Saul: 'Moat Jonatan stjerre, dy't Israel sa'n grutte oerwinning brocht hat? Dat nea. Sa wier as de HEAR libbet, gjin hier fan syn holle sil er kwytretsjje. Want yn 'e mande mei God hat er dit hjoed dien.' Sa rêde it folk Jonatan, dat er net hoegde te stjerren.<sup>46</sup> Doe gie Saul net mear de Filistinen efternei en de Filistinen giene nei harren plak werom.

### Oersjoch oer Saul syn oarloggen en famylje

<sup>47</sup> Doe't Saul it keningskip oer Israel yn besit naam, stried er tsjin al syn fijannen om him hinne: tsjin Moäb, de Ammoniten, Edom, de keningen fan Soba en tsjin de Filistinen. En oeral dêr't er kaam, hold er in ôfstraffing.<sup>48</sup> Hy waard tige krêftich en fersloech Amalek. Hy rêde Israel út de macht fan harren plonderders.<sup>49</sup> De soannen fan Saul wiene Jonatan, Jiswy en Malkisjûa. Fan syn beide dochters hiet de âldste Mearab en de jongste Mikal.<sup>50</sup> Saul syn frou, de dochter fan Achimaäs, hiet Achinoäm. De oanfierder fan syn leger, de soan fan Ner, Saul syn omke, hiet Abner.<sup>51</sup> Kisj, Saul syn heit, en Ner, Abner syn heit, wiene soannen fan Abiël.<sup>52</sup> Sa lang as Saul libbe waard der fûl fochten tsjin de Filistinen. Alle heldhaftige en sterke manlju dy't Saul seach, dy naam er op yn syn leger.

## 15

### Oarloch tsjin Amalek

<sup>1</sup> Samuël sei tsjin Saul: 'Ik wie it dy't troch de HEAR stjoerd waard om jo as kening te salvjen oer Israel, syn folk. Harkje dêrom nei de wurden fan 'e HEAR.'<sup>2</sup> Dit seit de HEAR

fan 'e machten: Ik sil de Amalekiten straffe foar wat sy Israel oandien hawwe. Se hawwe Israel yn 'e wei stien by harren tocht út Egypte.<sup>3</sup> Jo moatte gean en Amalek ferslaan. Jimme moatte alles ferneatigje wat fan harren is, haw gjin begrutsjen mei harren. Deadzje man en frou, bern en tatebern, ko en skiep, kaniel en ezel.'<sup>4</sup> Doe rôp Saul it folk op. Hy meunstere it yn Telaïm: twahûnderttûzen man fuotfolk en tsientûzen man fan Juda.<sup>5</sup> Doe't Saul by de stêd fan Amalek kommen wie, lei hy yn in mûklaach yn de beek.<sup>6</sup> Tsjin de Keniten sei hy: 'Jimme moatte oan 'e kant gean en gean by de Amalekiten wei. Oars moat ik jimme mei harren ferwiderje. Want jimme hawwe trou west oan alle Israeliten by harren tocht út Egypte.' Doe giene de Keniten by de Amalekiten wei.<sup>7</sup> Saul fersloech de Amalekiten fan Chawila oan Sjûr ta, oan 'e grins mei Egypte.<sup>8</sup> Hy krige Agag, de kening fan Amalek, libben yn hannen, mar it hiele folk roege hy út.<sup>9</sup> Saul en it folk sparren Agag, en de bêste skiep en de kij, de fette bisten,\* de rammen en alles wat mar bêst wie. Dy woene se net ferneatigje. Mar alles wat weardeleas en meager wie, deaden se wol.

### Saul ferwurpen

<sup>10</sup> Doe krige Samuël dit wurd fan de HEAR: <sup>11</sup> 'Ik haw spyt dat ik Saul kening makke haw, want hy hat my de rêch takeard en hat him net holden oan wat ik him opdroegen hie.' Doe waard Samuël lilk en hy rôp de hiele nacht ta de HEAR. <sup>12</sup> En Samuël gie der betiid ôf om Saul yn 'e moarn te moetsjen. Mar der waard Samuël ferteld: 'Saul is yn Karmel oankommen en hat foar himsels in monumint oprjochte. Dêrnei is er fuortgien, de oare kant út, en ôfdaald nei Gilgal.'<sup>13</sup> Doe't Samuël by Saul kaam, sei dy tsjin him: 'Mei de HEAR jo seinigje. Ik haw my holden oan wat de HEAR my opdroegen hie.'<sup>14</sup> Mar Samuël sei: 'Wat is dat bletterjen fan skiep dan, dat myn earen berikt, en it balten fan kij, dat ik hear?' <sup>15</sup> Saul antwurde: 'Dy hawwe se meinommen fan de Amalekiten, want it folk hat de bêste skiep en kij sparre om oan de HEAR, jo God, te offerjen, mar it oare hawwe wy ferneatige.'<sup>16</sup> Mar Samuël sei tsjin Saul: 'Hâld op, dan sil ik jo fertelle wat de HEAR fannacht tsjin my sein hat.' Doe sei er tsjin him: 'Sizze jo it mar.'<sup>17</sup> Samuël sei: 'Al binne jo dan lyts yn jo eigen eagen, jo binne no dochs it haad fan de stammen fan Israel? Want de HEAR hat jo salve ta kening oer Israel.'<sup>18</sup> De HEAR hie jo op wei stjoerd en sein: "Gean, en ferneatigje dy sûnders, de Amalekiten, en striid tsjin harren oantst se útrûge hast."<sup>19</sup> Wêrom hawwe jo dan net nei de HEAR harke, mar binne jo hurd op de bût ôf flein en hawwe jo dien, wat ferkeard is yn de eagen fan de HEAR?' <sup>20</sup> 'Mar ik haw harke nei de HEAR,' smiet Saul foar. 'Ik gie de wei dêr't de HEAR my lâns stjoerde. Agag, de kening fan Amalek, haw ik meinommen, mar de Amalekiten haw ik ferneatige.'<sup>21</sup> It folk hat skiep en kij plondere, it bêste fan wat ûnder de ban lei, om oan de HEAR, jo God, te offerjen yn Gilgal.'<sup>22</sup> Mar Samuël sei:

'Jout it offerjen de HEAR likefolle freugde, as it hearren nei him?

---

\* (15:9) 'De fette bisten': Neffens de Peshitta en de Targum, basearre op in wat oare foarm as yn 'e Hebriuwsk tekst, wêryn 't 'ferdûbelingen' stiet.

Nee! Harkjen is better as offers,  
om it sizzen fan immen jaan, is better as it fet fan rammen.

<sup>23</sup> Reboelje is like slim as wiersizzerij  
en wanhearrigens as ôfgoadetsjinst.

Om't jo wat de HEAR opdroegen hat ôfwiisd hawwe,  
wiist hy jo as kening ôf.'

<sup>24</sup> Doe sei Saul tsjin Samuël: 'Ik haw sûndige, want ik bin foarbygien oan it wurd fan de HEAR en jo oanwizingen. Want ik wie bang foar it folk en haw nei harren harke. <sup>25</sup> Ferjou dochs myn sûnde en gean mei my werom, dan wol ik my delbûge foar de HEAR.' <sup>26</sup> Mar Samuël antwurde: 'Ik sil net mei jo werom gean, want jo hawwe it befele fan de HEAR ferwurpen. Dêrom hat de HEAR jo ferwurpen as kening oer Israel.'

<sup>27</sup> Doe't Samuël him omkearde om fuort te gean, griep Saul de slippe fan syn mantel beet, en dy skuorde. <sup>28</sup> Doe sei Samuël tsjin him: 'Hjoed hat de HEAR it keningskip oer Israel fan jo ôfskuord en it oan immen oars jûn, dy't better is as jo. <sup>29</sup> En jo witte dat hy dy't de gloarje fan Israel is, net leagenet en nearne op weromkomt. Want hy is gjin minske dat er earne op weromkomt.' <sup>30</sup> Saul sei: 'Ik haw sûndige. Mar behannelje my dochs mei respekt yn it bywêzen fan 'e âldsten fan myn folk en hiel Israel. Gean mei my werom, dan wol ik my delbûge foar de HEAR, jo God.' <sup>31</sup> Doe gie Samuël werom mei Saul en Saul bûgde him del foar de HEAR. <sup>32</sup> Samuël sei: 'Bring Agag, de kening fan de Amalekiten, by my.' Agag kaam by him, fêstbûn, en tocht: 'Wier, de bittere dea is oan my foarbygien.' Mar Samuël sei: <sup>33</sup> 'Sa't jo swurd froulju harren bern ûntnommen hat, sa sil ûnder de froulju ek jo mem har bern ûntnommen wurde.' Doe snie Samuël Agag yn stikken foar de HEAR yn Gilgal. <sup>34</sup> Doe't Samuël nei Rama gie, kearde Saul werom nei Gibeä, dêr't er wenne. <sup>35</sup> Samuël hat Saul net wer sjoen oan de dei fan syn dea ta. Lykwols treure Samuël om Saul, mar it spiet de HEAR dat hy Saul kening makke hie oer Israel.

## 16

### David as kening salve

<sup>1</sup> De HEAR sei tsjin Samuël: 'Hoelang silsto noch treurje om Saul, wylst ik him dochs as kening oer Israel ôfwiisd haw? Do moatst dyn hoarn folje mei oalje en deropút gean. Ik stjoer dy nei Isai, de Betlehemyt, want ien fan syn soannen haw ik as kening útsocht.'

<sup>2</sup> Mar Samuël sei: 'Ik kin dêr dochs net sa hinne gean? As Saul it heart, sil er my deadzje.' De HEAR antwurde: 'Nim in kokeal mei en sis datsto kommen bist om de HEAR in offer te bringen.' <sup>3</sup> Nûgje Isai út by it offer. Ik sil dy witte litte watsto dwaan moatst. Do moatst foar my salvje dy't ik dy oanwiis.' <sup>4</sup> Samuël die wat de HEAR him sein hie, en hy kaam yn Betlehem. De âldsten fan de stêd beefden doe't se him moeten en fregen: 'Wêrom binne jo kommen? Is alles goed?' <sup>5</sup> Hy antwurde: 'Ja. Ik bin kommen om de HEAR in offer te bringen. Reinigje jimme en kom mei my by it offer.' En hy soarge derfoar dat Isai en syn

soannen harren reinigen en nûge harren by it offer. <sup>6</sup> Doe't se kamen, foel syn each op Eliab en hy tocht: 'Wis, de salvling fan de HEAR stiet hjir foar de HEAR.' <sup>7</sup> Mar de HEAR sei tsjin Samuël: 'Moatst net ôfgean op syn ferskining of op syn heech postuer, want ik haw him ôfwiisd. Want it giet der net om wat in minske sjocht, want de minske sjocht nei it uterlik, mar de HEAR sjocht nei it hert.' <sup>8</sup> Doe rôp Isai Abinadab en brocht him by Samuël, mar hy sei: 'Dizze hat de HEAR ek net útsocht.' <sup>9</sup> Dêrnei brocht Isai Sjamma, mar hy sei: 'Dizze hat de HEAR ek net útsocht.' <sup>10</sup> Sa brocht Isai sân soannen by Samuël, mar Samuël sei tsjin him: 'De HEAR hat dizzen net útsocht.' <sup>11</sup> Samuël frege Isai: 'Binne dit alle jongfeinten?' Hy sei: 'De jongste is noch oer: dy weidet de skiep.' Samuël sei tsjin Isai: 'Stjoer immen om him te heljen, want wy kinne net oansitte oant hy hjir kommen is.' <sup>12</sup> Isai stjoerde immen en brocht him. Hy wie rossich en hie moaie eagen; it wie in kreaze ferskining. En de HEAR sei: 'Kom oerein, salvje him, want dizze is it.' <sup>13</sup> Samuël naam de hoarn mei oalje en salve him wylst syn bruorren derby wiene. Fan dy dei ôf griep de geast fan de HEAR David oan. Samuël kaam oerein en gie nei Rama.

### David by Saul

<sup>14</sup> De geast fan de HEAR wie by Saul weigien en in kweade geast fan de HEAR pleage him. <sup>15</sup> Doe seine Saul syn tsjinstfeinten tsjin him: 'In kweade geast fan God pleaget jo. <sup>16</sup> Us hear moat mar tsjin jo feinten sizze dat se immen sykje dy't op 'e liere spylje kin. Hy sil, as de kweade geast fan God jo kwelt, lierespylje en dan sille jo jo better fiele.' <sup>17</sup> Dat Saul sei tsjin harren: 'Sykje foar my immen, dy't goed lierespylje kin en bring him by my.' <sup>18</sup> Ien fan de tsjinstfeinten antwurde him: 'Ik ken wol ien dy't op 'e liere spylje kin; in soan fan Isai, de Betlehemyt. It is in moedige held, in kriichsman, dy't syn wurd wol dwaan kin, mei in kreas uterlik en de HEAR stipet him.' <sup>19</sup> Saul stjoerde boaden nei Isai mei it boadskip: 'Stjoer jo soan David dy't by de skiep is nei my ta.' <sup>20</sup> Doe naam Isai in ezelfracht bôle, in sek wyn en ien geitebokje en joech it syn soan David mei foar Saul. <sup>21</sup> David kaam by Saul yn tsjinst. Saul hold in soad fan him, dat hy waard syn wapendrager. <sup>22</sup> Doe stjoerde Saul it boadskip nei Isai: 'Lit David dochs by my yn tsjinst bliuwe, want ik bin tige wiis mei him.' <sup>23</sup> En as dy geast fan God oer Saul kaam, dan naam David de liere en spile. Saul kalmearre dan en fiede him better, om't de kweade geast by him wei gie.

## 17

### David en Goliat

<sup>1</sup> De Filistinen sammelen harren leger om oarloch te fieren. Se kamen byinoar yn Soko, dat yn Juda leit. Se legeren harren tusken Soko en Azeka, yn Efes-Dammim. <sup>2</sup> Saul en de Israeliten sammelen en legeren harren yn 'e Terebintedelling. Se stelden harren yn slachorder op foar de Filistinen oer. <sup>3</sup> De Filistinen stiene oan de iene kant op in berchskeante en de Israeliten oan de oare kant, en de delling lei tusken harren yn.

<sup>4</sup> Doe kaam der in kampfjochter út it legerkamp fan de Filistinen. Hy hiet Goliat en kaam út Gat. Hy wie seis en in heale el lang. <sup>5</sup> Hy hie in brúnzen helm op 'e holle en droech in pânser fan skobben. It skobbich pânser wie fan brûns en woech fiiftûzen sikkell. <sup>6</sup> Op 'e skonken hie er brúnzen skynplaten en hy hie in brúnzen kromswurd tusken de skouders. <sup>7</sup> It hout fan syn spear wie as in beam fan in weeftou en de punt fan syn spear wie fan izer en weage seishûndert sikkell. Syn skylddrager rûn foar him út. <sup>8</sup> Sa stie er dêr en rôp nei de slachorders fan Israel. Hy sei tsjin harren: 'Wêrom tsjogge jimme op en stelle jimme jimme op foar de striid? Bin ik gjin Filistyn en binne jimme gjin tsjinstfeinten fan Saul? Jimme moatte in man oanwize foar jimme, en lit him nei my delkomme. <sup>9</sup> As hy my oan kin en my ferslacht, dan wurde wy jimme slaaf. Mar as ik him oan kin en him ferslaan, dan moatte jimme ús slaaf wurde en ús tsjinje.' <sup>10</sup> Hy gie fierder: 'Ik daagje hjoed it leger fan Israel út: Stjoer my in man, dan sille wy mei-inoar stride.' <sup>11</sup> Doe't Saul en alle Israeliten dy wurden fan de Filistyn hearden, waarden sy bang en tige eangstich.

<sup>12</sup> David wie in soan fan dy Efratyt út Betlehem yn Juda, dy't Isai hiet en dy't acht soannen hie. Yn Saul syn dagen wie de man al ien fan de âldste manlju. <sup>13</sup> De âldste trije soannen fan Isai wiene mei Saul de striid yn gien. Dy trije soannen hieten: Eliab, de âldste, Abinadab, de twadde en Sjamma, de tredde. <sup>14</sup> David wie de jongste. De âldste trije wiene Saul folge, <sup>15</sup> mar David gie hinne-en-wer fan Saul nei hûs om de skiep fan syn heit te weidzjen yn Betlehem. <sup>16</sup> Fjirtich dagen lang, moarns en jûns, kaam de Filistyn tichter by en stelde him op.

<sup>17</sup> Isai sei tsjin syn soan David: 'Nim foar dyn bruorren in efa fan dit roastere nôt en dizze tsien bôlen mei en bring se fluch nei harren yn it legerkamp <sup>18</sup> en dizze tsien stikken tsiis moattst by de kommandant fan it tûzenskip bringe. Fernim dan ris hoe't it mei dyn bruorren giet, en nim in teken fan libben fan harren mei. <sup>19</sup> Se binne mei Saul en alle Israeliten yn 'e Terebintedelling oan it striden tsjin de Filistinen.' <sup>20</sup> David gie der moarns betiid ôf en gie mei it iten op 'en paad lykas Isai him hjitten hie. De skiep liet er ûnder de hoede fan immen oars. Meidat er by de kampwâl kaam, liet it leger dat útgie nei de slachorder, syn kriichsrop hearre. <sup>21</sup> De Israeliten en de Filistinen stelden harren yn slachorder foarinoar oer. <sup>22</sup> David liet syn guod by de oppasser fan de foarrieden, draafde nei de slachorder en frege syn bruorren hoe't it mei harren wie. <sup>23</sup> Wylst er mei harren oan it praten wie, kaam de kampfjochter opsetten. Hy hiet Goliat, de Filistyn, út Gat, út de slachorder fan de Filistinen; hy spruts deselde wurden en David hearde it. <sup>24</sup> By it sjen fan dy man flechten de Israeliten foar him. Se wiene deabenaud. <sup>25</sup> De Israeliten seine: 'Hawwe jimme dy man dy't opkommen is wol sjoen? Dat die hy om Israel út te daagjen. De man dy't him ferslacht, sil troch de kening tige ryk makke wurde. Hy sil him syn dochter jaan en syn famylje sil frijstelling fan belesting krije.' <sup>26</sup> David sei tsjin de manlju dy't by him stiene: 'Wat sil der foar de man, dy't dizze Filistyn ferslacht en de smaad fan Israel weinimt, dien wurde? Wa tinkt dizze ûnbesniene Filistyn wol dat hy is, dat er de slachorders fan de libbene God doart út te daagjen?' <sup>27</sup> It folk fertelde him nochris hoe't de saak derfoar stie: 'Dit is wat der dien wurde sil foar de man dy't him

ferslacht.' <sup>28</sup> Doe't Eliab, syn âldste broer, him mei dy manlju praten hearde, waard er tige liik op David, en hy sei: 'Wêrom bist delkommen en oan wa hast it keppeltsje skiep tabetroud yn de woestyn? Ik wit hoe skamteleas en falsk asto bist; do bist delkommen om de striid te sjen.' <sup>29</sup> David sei: 'Wat haw ik no dien? Mei ik dat net freegje?' <sup>30</sup> Hy kearde him de rêch ta en spruts in oaren oan oer deselde saak, en it folk joech him itselde antwurd as earst. <sup>31</sup> Dy wurden fan David rekken bekend. It waard Saul ferteld, dy't him helje liet. <sup>32</sup> David sei tsjin Saul: 'Lit gjinien om dy Filistyn de moed ferlieze. Ik, jo tsjinner, sil mei him stride.' <sup>33</sup> Mar Saul sei tsjin David: 'Do kinst net nei dy Filistyn gean om mei him te striden. Do bist noch mar in jongfeint, wylst hy fan jongs ôf in kriichsman is.' <sup>34</sup> David antwurde: 'As jo tsjinner syn heite skiep hoede, kaam der wolris in liuw of bear dy't in skiep út 'e keppel meinaam. <sup>35</sup> Ik gie der dan efteroan, fersloech him en rêde it skiep út syn bek. As er dan my oanfoel, dan pakte ik him by it kinhier en sloech him dea. <sup>36</sup> Sawol liuw as bear hat jo tsjinner ferslein; dy ûnbesniene Filistyn sil it ek sa fergean as dy beide. Want hy hat de slachoarders fan 'e libbene God útdage.' <sup>37</sup> David sei: 'De HEAR, dy't my rêden hat út 'e klauwen fan liuw en bear, dy sil my ek rêde út de hannen fan dy Filistyn.' En Saul sei tsjin David: 'Gean dan mar, en de HEAR sil dy helpe.' <sup>38</sup> Doe klaaide Saul David oan mei syn eigen unifoarm, sette him in brûnzen helm op 'e holle en die him in pânser oan. <sup>39</sup> David begurde him mei syn swurd oer de klean hinne. En hy wie net by steat om te rinnen, want dat wie er net wend. David sei tsjin Saul: 'Ik kin hjir net yn rinne. Ik bin dat net wend.' En David die alles wer út. <sup>40</sup> Doe naam er syn stêf yn 'e hân en socht fiif glêde stiennen út de beek. Dy die er yn in pûdsje yn de hoederstas, dy't er by him hie. En mei de slinger yn 'e hân gie er op de Filistyn ta. <sup>41</sup> Wylst kaam de Filistyn, mei de skylddrager foar him út, geandewei hieltyd tichter by David. <sup>42</sup> Doe't de Filistyn David opnaam en seach dat hy noch mar in jongfeint wie, rossich en in kreaze ferskinning, minachte er him. <sup>43</sup> De Filistyn sei tsjin David: 'Tinkst dat ik in hûn bin, datst mei in stêf op my ta komst?' En de Filistyn ferflokte David by syn goaden. <sup>44</sup> 'Kom mar op,' sei er, 'dan sil ik dyn fleis oan de fûgels yn 'e loft en de bisten op it fjild jaan.' <sup>45</sup> Mar David antwurde de Filistyn: 'Do komst op my ta mei in swurd, in spear en in kromswurd, mar ik kom nei dy ta yn namme fan de HEAR fan 'e machten, de God fan de slachoarders fan Israel, dy'tsto útdage hast. <sup>46</sup> Hjoed sil de HEAR dy yn myn macht jaan. Ik sil dy ferslaan en dy de holle ôfslaan. Dan sil ik de liken fan it Filistynske legerkamp oan 'e fûgels yn 'e loft en de bisten op it fjild jaan. De hiele ierde sil dan witte dat Israel in God hat. <sup>47</sup> Dizze hiele mannichte sil witte dat de HEAR net troch swurd of spear rêdt, want de striid giet de HEAR oan; hy sil jimme yn ús macht jaan.' <sup>48</sup> Doe't de Filistyn oerein kaam en tichter op him ta kaam, draafde David fluch op de slachoarder ta, de Filistyn yn 'e mjitte. <sup>49</sup> David stuts de hân yn 'e tas en naam dêr in stien út. Hy slingere dy fuort en rekke de Filistyn op 'e foarholle. De stien krong yn 'e foarholle en hy foel foaroer op 'e grûn. <sup>50</sup> Sa oerwûn David de Filistyn mei slinger en stien. Hy fersloech de Filistyn en deade him, hoewol't David sels gjin swurd hie. <sup>51</sup> David draafde derhinne, gie by de Filistyn stean, naam syn swurd, luts it út 'e skie, en houde him dêr de holle mei ôf en

deade him. Doe't de Filistinen seagen dat harren held dea wie, flechten se.<sup>52</sup> Doe kamen de manlju fan Israel en Juda oerein. Sy jubelen it út en efterfolgen de Filistinen oan 'e delling ta en oan de poarten fan Ekron ta. De sneuvele Filistinen foelen del op 'e wei fan Sjaäraim, en oan Gat en oan Ekron ta.<sup>53</sup> Doe't de Israeliten weromkamen fan it fûle jeien efter de Filistinen oan, plonderen se harren legerkamp.<sup>54</sup> David naam de holle fan 'e Filistyn op en brocht dy nei Jeruzalem, mar syn wapens lei er yn syn tinte.

<sup>55</sup> Doe't Saul seach dat David derop útgong, de Filistyn yn 'e mjitte, sei er tsjin Abner, de legeroanfieder: 'Fan wa is dy jongfeint in soan, Abner?' Abner antwurde: 'Sa wier as jo libje, kening, ik wit it net.'<sup>56</sup> De kening sei: 'Freegje dochs fan wa't dizze jongeman ien is.'<sup>57</sup> Doe't David weromkaam nei't er de Filistyn ferslein hie, naam Abner him mei en brocht him by Saul. De holle fan 'e Filistyn hie er noch yn 'e hân.<sup>58</sup> Saul sei tsjin him: 'Fan wa bisto ien, jongfeint?' David sei: 'De soan fan jo tsjinstfeint Isai, út Betlehem.'

## 18

### David en Jonatan wurde freonen

<sup>1</sup> Nei it petear mei Saul fiede Jonatan in sielsferbân mei David en hy krige him leaf as syn eigen libben.<sup>2</sup> Dyselde deis naam Saul David mei en liet him net weromgean nei syn heite hûs.<sup>3</sup> Jonatan sleat in ferbân mei David, mei't er fan him hold as syn eigen libben.<sup>4</sup> Hy die syn mantel út dy't er oan hie, en joech dy oan David; sa ek syn unifoarm oan syn swurd, syn bôge en syn riem ta.<sup>5</sup> David gie derop út, en oeral dêr't Saul him hinne stjoerde, rûn it him mei. Dat doe't Saul him oanstelde oer it kriichsfolk, wiene hiel it folk en de tsjinstfeinten fan Saul dêr wiis mei.

### Saul syn haat tsjin David

<sup>6</sup> Doe't it leger thúskaam en David weromkearde nei't hy de Filistinen ferslein hie, giene de froulju fan alle stêden fan Israel derop út. Se giene kening Saul yn 'e mjitte, sjongend en yn 'e rige dûnsjend mei trommen, feestlieten en triangels.<sup>7</sup> Jûchjend songen hja: 'Saul hat syn tûzenen ferslein, mar David syn tsientûzenen.'<sup>8</sup> Saul waard tige lilk en it wie him min nei 't sin. Hy sei: 'Se hawwe David tsientûzenen jûn, en my mar tûzenen. Allinnich it keningskip ûntbrekt him noch.'<sup>9</sup> Sûnt dy dei hie Saul it net op David stean.

<sup>10</sup> De oare deis kaam in kweade geast fan God oer Saul en yn ekstaze rûn er yn 'e hûs om. En David spile, lykas altyd, op 'e harpe, wylst Saul in spear yn 'e hân hie.<sup>11</sup> Saul tocht: 'Ik spyts him oan 'e muorre!' Hy smiet de spear, mar David wiek fansiden, oan twa kear ta.<sup>12</sup> Saul waard bang foar David, omdat de HEAR him stipe, wylst er Saul ferlitten hie.<sup>13</sup> Dêrom ferwidere Saul him by him wei en stelde him oan as kommandant oer tûzen man. Foar it leger út late er de fjildtochten.<sup>14</sup> It rûn David mei, wêr't er hinne gie, want de HEAR stipe him.<sup>15</sup> Doe't Saul seach dat it David tige meirûn, waard er benaud foar him.<sup>16</sup> Mar hiel Israel en Juda holden fan David, want hy late harren fjildtochten.

### David trout mei Mikal

<sup>17</sup> Saul sei tsjin David: 'Hjir is myn âldste dochter, Mearab. Ik sil dy har as frou jaan, mar dan moatst in dapper man wêze yn myn tsjinst en de oarloggen fan de HEAR fiere.' Want Saul tocht: 'Lit David net falle troch myn hân, mar troch de hannen fan de Filistinen.'

<sup>18</sup> Mar David antwurde Saul: 'Wat hat myn libben en myn heite famylje yn Israel te betsjutten, dat ik skoansoan fan de kening wurde soe?' <sup>19</sup> Mar doe't de tiid kaam dat Mearab, Saul syn dochter, oan David jûn wurde soe, waard se as frou oan Adriël, út Mechola, jûn. <sup>20</sup> No hold Mikal, ek in dochter fan Saul, fan David. Doe't se dat oan Saul fertelden, like him dat goed ta. <sup>21</sup> Want hy tocht: 'Lit my har oan him jaan, dan kin sy foar him in falstrik wêze en sil er yn de hannen fan de Filistinen falle.' En hy sei foar de twadde kear tsjin David: 'Do kinst hjoed myn skoansoan wurde.' <sup>22</sup> Saul hiet syn tsjinstfeinten: 'Praat dochts ûnopfallend mei David en sis: "Sjoch, de kening is op jo steld en al syn tsjinstfeinten hâlde fan jo. Wurd no dochts de kening syn skoansoan."' <sup>23</sup> Saul syn tsjinstfeinten brochten dy wurden fertroulik oan David oer. Mar David sei: 'Neffens jimme is it ienfâldich om de kening syn skoansoan te wurden, mar ik bin in earm en ienfâldich man.' <sup>24</sup> Doe't Saul syn tsjinstfeinten David syn wurden oan him oerbrochten, <sup>25</sup> sei er: 'Jimme moatte dit tsjin David sizze: "De kening jout net om in breidsskat, mar wol om hûndert foarhûden fan Filistinen, om sa wraak te nimmen op de kening syn fijannen."' Want Saul tocht dat David yn 'e hannen fan de Filistinen falle soe. <sup>26</sup> Doe't syn tsjinstfeinten David dy wurden oerbrocht hiene, like it David goed ta dat er skoansoan fan de kening wurde soe. De tiid wie noch net om <sup>27</sup> of David kaam oerein en teach mei syn mannen derop út en hja fersloegen twahûndert man fan de Filistinen. David naam harren foarhûden mei en hy levere it folle tal oan 'e kening om de kening syn skoansoan te wurden. En Saul joech him syn dochter Mikal as frou.

<sup>28</sup> Doe seach en wist Saul dat de HEAR David stipe. En Mikal, Sauls dochter, hold fan him. <sup>29</sup> Saul waard noch banger foar David en hy wie, al syn dagen, Davids fijân. <sup>30</sup> Alle kearen as de Filistynske oanfierders Israel oanfoelen, hie David mear sukses as alle oare tsjinnern fan Saul. Dat syn namme kaam heech yn oansjen.

## 19

### Jonatan syn pleitsjen foar David docht fertuten

<sup>1</sup> Saul beprate mei Jonatan en mei al syn tsjinstfeinten dat David deade wurde moast. Mar Jonatan, Sauls soan, mocht David hiel graach lije. <sup>2</sup> Jonatan liet David witte: 'Us heit, Saul, is fan doel dy te deadzjen. Pas moarn goed op, ferskûlje dy en bliuw dêr. <sup>3</sup> Ik sil de stêd út gean en njonken ús heit stean bliuwe yn it fjild dêr'tst bist. Dan sil ik mei ús heit oer dy prate en sjen hoe't it liket. En dan lit ik it dy witte.' <sup>4</sup> Jonatan prate posityf oer David tsjin Saul, syn heit. Hy sei tsjin him: 'Lit de kening him dochts net fergripe oan syn tsjinstfeint David. Want hy hat jo neat misdien. Krekt it tsjinoerstelde, wat hy die hat jo tige holpen. <sup>5</sup> Hy hat syn libben weage en de Filistyn ferslein. Doe hat de HEAR in grutte rêding brocht foar hiel Israel. Jo hawwe it sjoen en wiene der bliid om. Wêrom soene jo

jo fergripe oan ûnskuldich bloed en David deadzje sûnder reden?' <sup>6</sup> Saul harke nei Jonatan en swarde: 'Sa wier as de HEAR libbet, hy sil net deade wurde.' <sup>7</sup> Doe rôp Jonatan David en hy fertelde him wat der sein wie. Doe brocht Jonatan David by Saul en it wie wer lykas earst.

### David flechtet

<sup>8</sup> En it waard wer oarloch. David gie derop út en stried tsjin de Filistinen. Hy rjochte in grutte slachting ûnder har oan sadat se foar him flechten. <sup>9</sup> Mar in kweade geast fan de HEAR kaam oer Saul. Hy siet yn syn hûs, mei de spear yn 'e hân, wylst David harpe spile. <sup>10</sup> Doe besocht Saul David mei de spear oan de muorre te spytsen, mar David rûn by Saul wei, dat hy smiet de spear yn de muorre. David flechte en ûntkaam yn 'e nacht. <sup>11</sup> Mar Saul stjoerde boaden nei Davids hûs om him yn 'e gaten te hâlden en him de moarns te deadzjen. Mar Mikal, Davids frou, fertelde it him en sei: 'Ast der fannacht net fan troch giest, dan silst moarnier deade wurde.' <sup>12</sup> Mikal liet David troch it finster sakje en hy gie fuort. Sa flechte hy en ûntkaam. <sup>13</sup> Doe naam Mikal de húsgoaden en lei dy op bêd. In net fan geitehier lei se op syn hollenein en beduts de húsgoaden mei in gewaad. <sup>14</sup> Doe't Saul boaden stjoerde om David op te pakken, sei se: 'Hy is siik.' <sup>15</sup> Dêrnei stjoerde Saul boaden om David te sjen. Hy sei: 'Bring him mei bêd en al by my, dan kin ik him deadzje.' <sup>16</sup> Mar doe't de boaden dêr kamen, leine de húsgoaden op bêd mei in net fan geitehier op it hollenein. <sup>17</sup> Saul sei tsjin Mikal: 'Wêrom hast my sa bedroegen, en litst myn fijân gean sadat er flechtsje kin?' Mar Mikal antwurde: 'Hy sei tsjin my: "Do moatst my gean litte, oars moat ik dy deadzje."' "

### David en Saul by Samuël

<sup>18</sup> Sa wie David flechte en ûntkommen. Hy kaam by Samuël yn Rama, en fertelde alles wat Saul him oandien hie. Tegearre giene sy fuort en bleaune yn Najot. <sup>19</sup> Doe't oan Saul ferteld waard: 'David is yn Najot by Rama', <sup>20</sup> stjoerde er boaden om him op te pakken. Mar sy seagen in groep profeten dy't yn ekstaze wiene en Samuël wie harren lieder. Doe kaam de geast fan God oer de boaden fan Saul, en sy profetearren ek. <sup>21</sup> Doe't se dat oan Saul fertelden, stjoerde er oare boaden, mar ek sy profetearren. Wer stjoerde Saul, foar de tredde kear, boaden en ek dy rekken yn ekstaze. <sup>22</sup> Doe gie er sels nei Rama. Hy kaam by de grutte put oan yn Sêkû en frege: 'Wêr binne Samuël en David?' It antwurd wie: 'Hja binne yn Najot by Rama.' <sup>23</sup> Wylst er dêrhinne gie, kaam de geast fan God ek oer him, dat de hiele wei oan Najot by Rama ta wie er yn ekstaze. <sup>24</sup> Hy die syn gewaden ek út en profetearre yn it bywêzen fan Samuël. De hiele dei en de hiele nacht lei er neaken op 'e grûn. Dêrom wurdt der sein: Is Saul ek al ûnder de profeten?

## 20

### Ferbûn tusken David en Jonatan

<sup>1</sup> Doe flechte David út Najot by Rama wei. Hy gie nei Jonatan en frege him: 'Wat haw ik

dien? Wêroan haw ik my skuldich makke? Wat haw ik jimme heit oandien, dat er my nei it libben stiet?' <sup>2</sup> Mar hy antwurde: 'Dêr is gjin sprake fan, do silst net stjerre! Us heit docht hielendal neat sûnder it mei my te bepraten. Wêrom soe ús heit dit dan foar my ferburgen hâlde? Gjin sprake fan.' <sup>3</sup> Mar David swarde: 'Jimme heit wit tige goed datsto my graach lije meist. Dêrom hat hy tocht: "Lit Jonatan it net witte. It soe him sear dwaan." Mar sa wier as de HEAR libbet en asto libbest – der is mar ien trêd tusken my en de dea.' <sup>4</sup> Jonatan sei tsjin David: 'Ik sil dwaan watsto wolst.' <sup>5</sup> Doe sei David tsjin Jonatan: 'Moarn is it nije moanne, en dan moat ik mei de kening oansitte om te iten. Mar lit my gean, dan kin ik my yn it fjild ferskûlje oan oaremoarntejûn ta. <sup>6</sup> Mocht jimme heit my misse, dan moatst sizze: "David hat der by my tige op oanstien om sa gau mooglik nei syn stêd Betlehem te gean. Want dêr wurdt it jierlikse offerfeest holden foar syn hiele famylje." <sup>7</sup> Seit er dan: "It is goed," dan sil dyn tsjinstfeint feilich wêze. Mar makket er him tige lilck, dan witst dat er fêst fan doel is om my kwea te dwaan. <sup>8</sup> Bliuw trou oan dyn tsjinstfeint. Want foar de HEAR hasto in ferbûn sletten mei dyn tsjinstfeint. Haw ik lykwols skuld, dan moatsto my deadzje, mar bring my net by jimme heit.' <sup>9</sup> Mar Jonatan sei: 'Dat nea! Mocht ik derefter komme dat ús heit fêst fan doel is dy kwea te dwaan, dan sil ik it dy wis fertelle.' <sup>10</sup> David frege: 'Wa sil it my fertelle as jimme heit lilck wurd?' <sup>11</sup> Doe sei Jonatan tsjin David: 'Kom, lit ús it fjild yn gean.'

<sup>12</sup> Doe't se tegearre yn it fjild wiene, sei er tsjin David: 'De HEAR, de God fan Israel, is tsjûge dat ik it moarn of oaremoarn om dizze tiid by ús heit útskykje sil. As it der goed foar dy útsjocht, sil ik dy in boadskip stjoere en it dy hearre litte. <sup>13</sup> Mar as ús heit dy kwea dwaan wol, dan sil ik dy dat hearre litte en sil ik dy gean litte, datsto feilich fuortkomme kinst. Oars mei de HEAR my witwat dwaan en noch slimmer. Mei de HEAR dy helpe, lykas hy ús heit bystien hat. <sup>14</sup> Mocht ik noch libje, wês dan dochs goed foar my, lykas de HEAR, dat ik net hoech te stjerren. <sup>15</sup> En as ik stjer, bliuw dan ek myn famylje altiten trou. Ek as de HEAR Davids fijannen ien foar ien fan de ierde útrûget.' <sup>16</sup> Sa sleat Jonatan in ferbûn mei it hûs fan David en sei: 'Mei de HEAR de fijannen fan David straffe.' <sup>17</sup> Jonatan liet David swarre by syn leafde foar him, want hy hold fan him mei hert en siel. <sup>18</sup> Jonatan sei tsjin him: 'Moarn is it nije moanne. Se sille dy dan misse, want dyn plak sil leech wêze. <sup>19</sup> Bliuw oant oaremoarn wei. Kom dan nei it plak dêr'tsto dy de foarige kear ferskûle hast. Gean dan by dy stien dêr sitten. <sup>20</sup> Ik sil dêr trije pylken lâns sjitte, krekt as skeat ik op in doel. <sup>21</sup> Dan sil ik de jonge derop út stjoere en de pylken sykje litte. En sis ik tsjin 'e jonge: "De pylken lizze dizze kant mear út; krij se op" – dan kinst wol komme, want dan bist feilich. Sa wier as de HEAR libbet, dan is der neat te rêden. <sup>22</sup> Mar sis ik tsjin de jonge: "De pylken lizze fierderop," – dan moatst gean, want de HEAR stjoert dy fuort. <sup>23</sup> Wat de saak oangiet dêr'tsto en ik tegearre oer praat hawwe, de HEAR is ús tsjûge oant yn ivichheid.'

### David moat útnaaie

<sup>24</sup> David ferskûle him yn it fjild.

Doe't it nije moanne wurden wie, kaam de kening by de tafel om te iten. <sup>25</sup> Doe't de kening sitten gie op it plak dêr't er altyd siet, by de muorre, kaam Jonatan foar him oer te sitten,\* wylst Abner njonken Saul siet. Mar Davids plak bleau leech. <sup>26</sup> Saul sei der dy deis neat fan, want hy tocht: 'Der is him wat oerkommen, dat er net rein is. Ja, hy is grif net rein.' <sup>27</sup> Mar de oare deis, de twadde dei fan nije moanne, doe't Davids plak op 'e nij leech bleau, sei Saul tsjin syn soan Jonatan: 'Wêrom is de soan fan Isai net by de tafel, juster net en hjoed net?' <sup>28</sup> Jonatan antwurde Saul: 'David hat der tige by my op oanstien om nei Betlehem te gean. <sup>29</sup> Hy sei: "Lit my dochs gean, want wy hawwe in offerfeest fan 'e famylje yn 'e stêd. Myn broer hat my hjitten om te kommen. As ik dan by jo yn 'e geunst bin, lit my dan frij om myn bruorren te sjen." Dêrom is er net by de kening oan tafel kaam.' <sup>30</sup> Doe waard Saul tige lilck op Jonatan. Hy sei tsjin him: 'Do ferrekte en rebelske jonge. Hie ik it net tocht, datsto de soan fan Isai útkard hast? Dêrtroch makkest dysels en de eare fan jimme mem te skande. <sup>31</sup> Want al de dagen dat de soan fan Isai op ierde omrint, bist net wis fan dysels noch fan dyn keninkryk. Stjoer ien en bring him foar my, want stjerre sil er.' <sup>32</sup> Mar Jonatan antwurde syn heit: 'Wêrom moat hy stjerre? Wat hat er dien?' <sup>33</sup> Doe smiet Saul syn spear nei him ta om him te reitsjen. No wist Jonatan dat syn heit derop út wie om David te deadzjen. <sup>34</sup> Jonatan gie, gleon fan lilckens, by de tafel wei. Hy iet de twadde deis fan nije moanne gjin brea, om't hy pinige waard om David en om't hy him skamme foar syn heit.

### David en Jonatan nimme ôfskied

<sup>35</sup> Yn 'e moarn gie Jonatan it fjild yn op it plak dêr't er mei David ôfpraat hie. Hy hie in lytse jonge by him. <sup>36</sup> Hy sei tsjin de jonge: 'Helje rap de pylken op dy't ik fuortsjit.' Wylst de jonge foarút rûn, skeat Jonatan in pylk oer him hinne. <sup>37</sup> Doe't de jonge oankaam by it plak dêr't Jonatan de pylk hinne sketten hie, rôp Jonatan de jonge nei: 'Leit de pylk net fierderop?' <sup>38</sup> Jonatan rôp de jonge nei: 'Toe, sjit op, bliuw net stean.' En de jonge naam de pylk op en kaam by syn hear. <sup>39</sup> De jonge wist fan neat. Allinne Jonatan en David wisten fan de saak ôf. <sup>40</sup> Doe joech Jonatan syn sjitark oan de jonge dy't er by him hie, en sei tsjin him: 'Bring it nei de stêd.' <sup>41</sup> Doe't de jonge fuortgien wie, kaam David oerein út it skaad fan 'e stienbult wei. Hy liet him mei it gesicht op 'e grûn falle en bûgde him trije kear. Doe tuten se inoar en skriemden tegearre oant it David oermânsk waard. <sup>42</sup> Jonatan sei tsjin David: 'It giet dy goed. Wy hawwe beide sward by de namme fan de HEAR: de HEAR sil tsjûge wêze tusken dy en my, en tusken dyn en myn neiteam, oant yn ivichheid.'

## 21

<sup>1</sup> Doe gie er fuort. En Jonathan kearde werom nei de stêd.

### David te Nob

---

\* (20:25) 'kaam Jonatan foar him oer te sitten' – neffens de Septuaginta. De Hebriuwske tekst hat 'Jonatan gie oerein'.

<sup>2</sup> David kaam yn Nob, by de pryster Achimêlek. Achimêlek kaam David triljend yn 'e mjitte en sei tsjin him: 'Wêrom binne jo allinne en is der net ien by jo?' <sup>3</sup> David antwurde de pryster Achimêlek: 'De kening hat my wat opdroegen en tsjin my sein: "Gjinien mei witte wêrom't ik dy útstjoer en wat ik dy opdroegen haw." Dêrom haw ik de tsjinstfeinten hjitten nei it ien of oare plak te gean. <sup>4</sup> Mar no, wat hawwe jo by de hân? Jou my fiif bôlen mei, of wat der mar is.' <sup>5</sup> De pryster antwurde: 'Gewoan brea haw ik net by de hân. Der is wol hillich brea. As de tsjinstfeinten mar by de froulju weibleaun binne.' <sup>6</sup> David antwurde: 'Nee, froulju binne ús ûntholden, lykas earder. Doe't ik yn 'e striid gie, is de útrissing fan de tsjinstfeinten hillige, sels al wie it net in hillige tocht. Nammerste mear binne se hjoed troch de útrissing hillige wurden.' <sup>7</sup> Doe joech de pryster him hillich brea, want der wie oars gjin brea as de toanbôlen, dy't se foar it antlit fan de HEAR fuorthelle, om der farsk brea foar yn 't plak te lizzen de deis dat it fuorthelle wurdt.

<sup>8</sup> No wie dêr dy deis ien fan Sauls tsjinstfeinten, dy't dêr by de HEAR ophâlden waard. Syn namme wie Doëg, de Edomyt, de baas fan Saul syn hoeders. <sup>9</sup> David sei tsjin Achimêlek: 'Hawwe jo hjir net in spear of swurd by de hân? Want ik haw myn swurd en ek myn útrissing net iens meinommen, om't de saak fan de kening sa urgint wie.' <sup>10</sup> De pryster sei: 'It swurd fan Goliat de Filistyn, dy't jo ferslein hawwe yn 'e Terebintedelling is hjir, berôle yn in mantel, efter de efod. As jo dat meinimme wolle, nim dat dan mei, want wat oars is hjir net.' David sei: 'Der is gjin gelikens. Jou dat oan my.'

### David by Akisj

<sup>11</sup> Dy deis sette David ôf en flechte foar Saul. Hy kaam by Akisj, de kening fan Gat. <sup>12</sup> Doe seine de tsjinstfeinten fan Akisj tsjin him: 'Is dat David net, de kening fan it lân? Hy is it dochs fan wa't hja songen, yn 'e rige dûnsjend: "Saul hat syn tûzenen ferslein, mar David syn tsientûzenen"?' <sup>13</sup> David liet dy wurden ta him komme en waard tige bang foar kening Akisj, de kening fan Gat. <sup>14</sup> En hy die yn harren bywêzen as wie er net wiis. Hy hannele, doe't se him yn hannen hiene, as in gek: hy klaude op 'e doarren fan 'e poarte om en liet syn flibe yn it burd rinne. <sup>15</sup> Doe sei Akisj tsjin syn tsjinstfeinten: 'Jimme sjogge dochs wol dat de man net goed by syn ferstân is? Wêrom bringe jimme him by my?' <sup>16</sup> Haw ik soms in tekoart oan gekken, dat jimme dizze man by my brocht hawwe om tsjin my te kear te gean? Wat moat dizze man yn myn hûs?'

## 22

### David yn Adûllam

<sup>1</sup> David gie dêrwei en ûntkaam nei de grot fan Adûllam. Syn bruorren en syn hiele famylje hearden it, en sy kamen dêr by him del. <sup>2</sup> En allegear minsken, dy't yn de benaudens sieten, skulden hiene, of ferbittere wiene, sammelen harren by him, en hy waard harren oanfierder. Sa'n fjouwerhûndert man wiene der by him. <sup>3</sup> Dêrwei gie David nei Mispé yn Moäb en hy frege de kening fan Moäb: 'Lit ús heit en mem dochs hjirhinne

komme oant ik wit wat God mei my fan doel is.' <sup>4</sup> Sa brocht er harren ûnder de hoede fan de kening fan Moäb. Se bleaune dêr by him de hiele tiid dat David yn syn fêsting wie. <sup>5</sup> Mar de profeet Gad sei tsjin David: 'Bliuw net yn 'e fêsting. Jo moatte nei it lân fan Juda ta gean.' Doe gie David fuort en kaam yn it wâld fan Chêret.

### Moard op 'e prysters fan Nob

<sup>6</sup> Saul hearde dat David en de manlju dy't er by him hie, ûntdutsen wiene. Hy siet yn Gibeä ûnder de tamarisk op de hichte. Syn spear hie er yn 'e hân en al syn feinten stiene by him. <sup>7</sup> Saul sei tsjin harren: 'Harkje dochs, Benjaminiten. Soe de soan fan Isai jimme allegearre ek fjilden jaan en druvetunen? Soe er jimme allegearre oanstelle as oanfierders fan tûzen of fan hûndert?' <sup>8</sup> En dochs spanne jimme allegearre tsjin my gear. Gjinien hat my meidiel dat myn soan it mei de soan fan Isai hâldt. Gjinien fan jimme begruttet it om my. Gjinien hat it my meidiel dat myn soan myn tsjinstfeint tsjin my opset hat. Hy loert no op my.' <sup>9</sup> Doe antwurde Doëg, de Edomyt, dy't by Sauls feinten stie: 'Ik haw sjoen dat de soan fan Isai te Nob oankaam by Achimêlek, de soan fan Achitûb. <sup>10</sup> Dy hat de HEAR foar him om in útspraak frege. Hy hat him iten jûn en ek it swurd fan Goliat, de Filistyn.' <sup>11</sup> Doe liet de kening de pryster Achimêlek roppe, de soan fan Achitûb, mei al syn famyljeleden, dy't prysters te Nob wiene. Sy kamen allegearre by de kening. <sup>12</sup> Saul sei: 'Harkje dochs, soan fan Achitûb.' Hy sei: 'Ik harkje, hear.' <sup>13</sup> Doe sei Saul tsjin him: 'Wêrom hawwe jo en de soan fan Isai tsjin my gearsband, dat jo him brea en in swurd jûn hawwe en God foar him om in útspraak frege hawwe? No stiet er tsjin my op en hat in mûklaach opset. No loert hy op my!' <sup>14</sup> Mar Achimêlek antwurde de kening: 'Mar wa is der ûnder al jo tsjinstfeinten sa betrouber as David, de kening syn skoansoan, kommandant fan jo liifwacht en yn heech oansjen yn jo hûs?' <sup>15</sup> Ik haw God net foar de earste kear foar him om in útspraak frege. Gjin sprake fan! De kening moat syn tsjinstfeint net beskuldigje noch myn hiele famylje. Want jo tsjinstfeint hat fan al dy dingen neat, hielendal neat ôfwitten.' <sup>16</sup> Mar de kening sei: 'Jo sille stjerre, Achimêlek. Jo en jo hiele famylje.' <sup>17</sup> Doe sei de kening tsjin de soldaten dy't by him stiene: 'Deadzje de prysters fan de HEAR, want se hâlde it ek mei David. Hoewol't se wisten dat er op 'e flecht wie, hawwe se it my net meidiel.' Mar de feinten fan de kening woene gjin hân útstekke om de prysters fan de HEAR del te slaan. <sup>18</sup> Doe sei de kening tsjin Doëg: 'Slaan do de prysters del.' Doe kaam Doëg de Edomyt nei foaren en hy sloech de prysters del. Hy deade dy deis fiifentachtich man dy't in linnen efod droegen. <sup>19</sup> Ek rûge er Nob út, de prysterstêd, mei it swurd, sawol manlju as froulju, bern as lytse poppen, sawol kij, ezels as skiep. <sup>20</sup> Mar ien fan de soannen fan Achimêlek, de soan fan Achitûb, ûntkaam: Abjatar. Hy flechte efter David oan. <sup>21</sup> Doe't Abjatar David fertelde dat Saul de prysters fan de HEAR deade hie, <sup>22</sup> sei David tsjin Abjatar: 'Ik hie it dy deis wol tocht, doe't Doëg de Edomyt dêr wie, dat er it Saul grif fertelle soe. Ik bin ferantwurdlik foar de dea fan jimme hiele heite famylje. <sup>23</sup> Bliuw by my. Wês net bang, want dy't it op myn libben

fersjoen hat, docht dat ek op jowes. Dat by my binne jo feilich.'

## 23

### David yn Keïla

<sup>1</sup> Se fertelden David: 'De Filistinen fjochtsje tsjin Keïla en se plonderje de terskflierren.'  
<sup>2</sup> Doe frege David de HEAR: 'Sil ik fuortgean en dy Filistinen ferslaan?' De HEAR antwurde David: 'Ja, ferslaan de Filistinen en befrij Keïla.'  
<sup>3</sup> Mar Davids mannen seine tsjin him: 'Hjir yn Juda binne wy al bang, dat hoefolste mear as wy oplûke nei Keïla, tsjin de slachoarders fan de Filistinen.'  
<sup>4</sup> Dêrop frege David de HEAR nochris. De HEAR antwurde him: 'Oerein, daal ôf nei Keïla, want ik jou de Filistinen yn dyn macht.'  
<sup>5</sup> Doe gie David mei syn mannen nei Keïla. Hy focht tsjin de Filistinen, dreau harren fee fuort en brocht harren in grutte slach ta. Sa rêde David de ynwenners fan Keïla.  
<sup>6</sup> Abjatar, de soan fan Achimêlek, hie op syn flecht nei David te Keïla, de efod meinommen.

<sup>7</sup> Doe't Saul ferteld waard dat David yn Keïla oankommen wie, tocht er: 'God hat him oan my útlevere, want hy hat himsels opsletten troch him yn in stêd mei doarren en skoattels te bejaan.'  
<sup>8</sup> Saul rôp it hiele folk op foar de striid om nei Keïla ôf te dalen en David en syn mannen te belegerjen.  
<sup>9</sup> Doe't David fernaam dat Saul kwea tsjin him yn it sin hie, sei er tsjin Abjatar, de pryster: 'Bring de efod hjir.'  
<sup>10</sup> Doe sei David: 'HEAR, God fan Israel, jo tsjinner hat heard dat Saul fan doel is nei Keïla te kommen en dat er om my de stêd ferniele wol.  
<sup>11</sup> Sille de boargers fan Keïla my oan him útleverje? Sil Saul delkomme, lykas jo tsjinner heard hat? HEAR, God fan Israel, doch it jo tsjinner te witten.'  
De HEAR sei: 'Ja, hy sil delkomme.'  
<sup>12</sup> David frege: 'Sille de boargers fan Keïla my en myn mannen oan Saul útleverje?' De HEAR sei: 'Se sille dy útleverje.'  
<sup>13</sup> Doe makken David en syn mannen harren klear, sa'n seishûndert man, en giene út Keïla wei en doarmen en swalken om. Doe't Saul ferteld waard dat David út Keïla ûntkommen wie, seach er fan de oanfal ôf.

### David yn 'e woestyn fan Sif

<sup>14</sup> Mar David bleau yn de woestyn, yn de rotshoalen, en hy hold ta yn it berchlân yn de woestyn fan Sif. Saul socht him de hiele tiid, mar God joech him net oan him oer.  
<sup>15</sup> David fernaam dat Saul útgien wie om him nei it libben te stean. David wie doe yn de woestyn fan Sif, yn Choaresja.  
<sup>16</sup> Jonatan, Sauls soan, gie op wei nei David yn Choaresja en hy moedige David oan om op God te fertrouwen.  
<sup>17</sup> Hy sei tsjin him: 'Wês net bang. Do silst net yn hannen falle fan Saul, ús heit, mar do silst kening oer Israel wurde en ik sil de twadde by dy wurde. Ek Saul, ús heit, wit dat ek wol.'  
<sup>18</sup> Doe sleaten se tegearre foar de HEAR in ferbûn. David bleau doe yn Choaresja, mar Jonatan gie wer nei hûs.  
<sup>19</sup> Doe giene in oantal ynwenners fan Sif nei Saul yn Gibeä en seine: 'Witte jo dat David him by ús ferskûlet yn 'e rotshoalen by Choaresja op de heuvel Chakila, súdlik fan de wyldernis?'  
<sup>20</sup> Kom dus del, o kening, wannear as jo wolle. Dan sille wy him de kening yn

hannen spylje.’ <sup>21</sup> Saul sei: ‘Mei de HEAR jimme seinigje, omdat it jimme om my begrutte hat. <sup>22</sup> Gean no en meitsje de saak noch fierder klear. Sjoch út te finen it plak, dêr’t er tahâldt en wa’t him dêr sjoen hat. Want der is tsjin my sein dat er tige slûchslim is. <sup>23</sup> Stel jimme tige goed op ‘e hichte fan alle skûlplakken dêr’t er him ferskûle hâldt. Kom dan by my werom mei krechte ynljochtings. Dan gean ik mei jimme mei en, mocht er dan yn it lân wêze, dan wit ik him te finen ûnder alle famyljes fan Juda.’ <sup>24</sup> Dêrnei kamen sy oerein en giene foar Saul út nei Sif. En David wie mei syn mannen yn de woestyn Maon, yn ‘e flakte súdlik fan de wyldernis. <sup>25</sup> Saul en syn mannen wiene oan it sykjen. Doe’t dat David ferteld waard, daalde er ôf nei de rots dy’t yn de woestyn Maon leit. Mar doe’t Saul dat hearde, efterfolge er David yn de woestyn Maon. <sup>26</sup> Saul gie oan ‘e iene kant fan ‘e berch lâns en David en syn mannen oan ‘e oare kant. David hastige him om Saul te ûntwiken, mar Saul en syn mannen omsingelen David en syn mannen. Se stiene op it punt harren te gripen <sup>27</sup> doe’t der in boade by Saul kaam mei it boadskip: ‘Hastigje jo, want de Filistinen hawwe in ynfal yn it lân dien.’ <sup>28</sup> Doe stoppe Saul de efterfolging fan David en gie de Filistinen yn ‘e mjitte. Dêrom neamden se dat plak: Rots fan ‘e skieding.

## 24

### David sparret Saul

<sup>1</sup> Doe gie David dêrwei en hy bleau yn ‘e rotshoalen fan Engêdy. <sup>2</sup> Doe’t Saul weromkaam fan syn efterfolging fan de Filistinen, fertelden se him: ‘David is yn ‘e woestyn fan Engêdy.’ <sup>3</sup> Saul naam trije tûzenman mei, útsocht út hiel Israel, en hy gie op ‘en paad om David en syn mannen te sykjen op de Stienbokrotsen. <sup>4</sup> Hy kaam by de skieppenhokken en dêr wie in grot. Saul gie deryn om syn behoeften te dwaan, mar David en syn mannen sieten efter yn ‘e grot. <sup>5</sup> Doe seine Davids mannen tsjin him: ‘Dit is fêst de dei, dêr’t de HEAR jo fan sein hat: “Ik jou dyn fijân yn dyn hân. Doch mei him watsto wolst.”’ David kaam oerein en snie stikem in slippe fan Saul syn mantel ôf. <sup>6</sup> Mar sadree’t er dat dien hie, bûnze David it hert, omdat er in slippe fan Saul syn mantel ôfsnien hie, <sup>7</sup> en hy sei tsjin syn mannen: ‘Dêr mei de HEAR my foar bewarje, dat ik myn hear, de salvling fan de HEAR, wat oandwaan soe, en slaan de hannen oan him. Want hy is de salvling fan de HEAR.’ <sup>8</sup> Mei dy wurden hold David syn mannen tsjin. Hy liet net ta dat se Saul oerfoelen.

Doe kaam Saul oerein. Hy sette de grot út en gie syn wei. <sup>9</sup> Doe kaam David ek oerein en gie de grot út. Hy rôp Saul efternei: ‘Myn hear, de kening!’ Saul seach efterom en David knibbele del mei it gesicht nei de grûn en bûgde him foaroer. <sup>10</sup> Hy sei tsjin Saul: ‘Wêrom harkje jo nei de minsken dy’t sizze: “Tink derom, David is derop út om jo kwea te dwaan”?’ <sup>11</sup> Jo kinne no mei eigen eagen sjen dat de HEAR jo hjoed yn ‘e grot yn myn hannen jûn hie. En se seine dat ik jo deadzje moast. Mar ik haw jo sparre, want ik sei: “Ik sil gjin hân útstekke tsjin myn hear. Want hy is de salvling fan de HEAR.”’ <sup>12</sup> Sjoch, heit, ja, sjoch mar ris nei de slippe fan jo mantel yn myn hân. Want doe’t ik de slippe fan jo

mantel ôfsnie, haw ik jo net deade. Dat jo sjogge wol dat ik gjin kwea of opstân tsjin jo yn it sin haw. Ik haw jo neat misdien, mar jo binne derop út om my it libben te benimmen. <sup>13</sup> Lit de HEAR oardielje tusken jo en my. Lit de HEAR myn wraak oan jo folbringe, mar ik sil myn hân net nei jo útstekke. <sup>14</sup> Lykas in âld sprekward seit: Fan misdiedigers komt ferkeardens. Mar ik sil net tsjin jo wêze. <sup>15</sup> Efter wa is de kening fan Israel oan gien? Wa sit er efternei? Efter in deade hûn! Efter ien inkelde flie. <sup>16</sup> De HEAR sil rjochter wêze en oardielje tusken jo en my. Lit him myn saak ûndersykje en foar my pleitsje en lit him my rjocht jaan foar jo oer.”

<sup>17</sup> Doe't David oan 'e ein fan al syn wurden wie tsjin Saul, sei Saul: 'Is dat dyn stim, myn soan David?' En Saul begûn lûdop te skriemen. <sup>18</sup> Hy sei tsjin David: 'Do bist rjochtfeardiger as my, want do hast my goed behannele, wylst ik dy min behannele haw. <sup>19</sup> Hjoed hast my bewiisd datst goed foar my bist, want doe't de HEAR my oan dy útlevere hie, hast my net deade. <sup>20</sup> As ien syn fijân fûn hat, dan lit er him net samar gean. Ik hoopje dat de HEAR dy beleannet foar watst hjoed foar my dien hast. <sup>21</sup> No wit ik datsto foarfêst kening wurde silst, en yn dyn hân sil it keninkryk fan Israel oerein bliuwe. <sup>22</sup> Swar my no by de HEAR datsto myn neigeslacht net útrûgje silst en myn namme net útdylgje út ús heite hûs.' <sup>23</sup> Doe swarde David it him. En Saul gie nei hûs, mar David en syn mannen giene omheech nei de rotshoalen.

## 25

### Dea fan Samuël

<sup>1</sup> Samuël stoar. En hiel Israel sammele him en sy rouwen om him. Se begroeven him yn syn hûs yn Rama. David gie fuort en sette ôf nei de woestyn fan Paran.

### David, Nabal, Abigaïl

<sup>2</sup> No wenne der yn Maon in man dy't syn wurk yn Karmel hie. It wie in tige ryk man: hy hie trijetûzen skiep en tûzen geiten. Hy wie oan it skieppeknippen yn Karmel. <sup>3</sup> De man hiet Nabal en syn frou Abigaïl. Sy wie in ferstannige frou en kreas fan uterlik. De man lykwols wie hurd en wreed. It wie in Kalebyt. <sup>4</sup> Doe't David yn 'e woestyn hearde dat Nabal oan it skieppeknippen wie, <sup>5</sup> stjoerde er dêr tsien jongfeinten hinne. David sei tsjin de jongfeinten: 'Gean nei Karmel ta. As jimme by Nabal komme, groetsje him dan út myn namme. <sup>6</sup> Jimme moatte sizze: "Groetnis. Mei it jo goed gean, jo húshâlding en alles wat jowes is. <sup>7</sup> Ik haw heard dat jo de knippers hawwe. No binne jo hoeders by ús west en wy hawwe harren net lestich fallen en se hawwe hielendal neat mist, salang't sy yn Karmel wiene. <sup>8</sup> Freegje jo jongfeinten mar nei, en sy sille it jo wol fertelle. Hooplik binne jo freonlik tsjin dizze jongfeinten, want wy binne op in blide dei kommen. Jou jo tsjinstfeinten en jo soan David dochs wat jo ek mar by de hân hawwe.”

<sup>9</sup> Doe't de jongfeinten fan David by Nabal kamen, brochten se al dy wurden út Davids

namme oan him oer en wachten ôf. <sup>10</sup> Mar Nabal antwurde harren: 'Wa is David, wa is de soan fan Isai? Tal fan tsjinnens brekke út by harren hear dizze dagen. <sup>11</sup> Ik jou dochs net myn bôle en wetter en myn slachtguod, dat ik foar myn skieppeknippers slachte haw, oan manlju dêr't ik net fan wit wêr't se wei komme?' <sup>12</sup> Doe kearden de jongfeinten fan David harren om en giene fuort. Doe't se weromkommen wiene, brochten se him al dy wurden oer. <sup>13</sup> En David sei tsjin syn mannen: 'Elk moat syn swurd omdwaan.' Doe die elk syn swurd om, David sels ek. Sa'n fjouwerhûndert man giene efter David oan, en twahûndert bleaune by de foarrieden.

<sup>14</sup> Mar ien fan de jongfeinten fertelde Abigaïl, de frou fan Nabal: 'David hat út de woestyn boaden stjoerd om ús baas in seine ta te winskjen, mar dy is hurd tsjin harren útfallen. <sup>15</sup> Dy mannen hawwe tige goed foar ús west. Wy binne net lestich fallen en hawwe hielendal neat mist salang't wy by harren yn it fjild wiene. <sup>16</sup> Sy hawwe nachts likegoed as deis in muorre om ús hinne west, al dy tiid dat wy by harren wiene om de skiep te weidzjen. <sup>17</sup> Dat jo moatte goed witte wat jo dogge, want it kwea sil in ein meitsje oan ús baas en oan syn hiele hûs. Hy is in man fan neat, dêr't net mei te praten falt.'

<sup>18</sup> Doe naam Abigaïl hastich twahûndert bôlen, twa krûken wyn, fiif slachte skiep, fiif mjitten roastere nôt, hûndert rezinekoeken en twahûndert figekoeken, en lade dy op de ezels. <sup>19</sup> En se sei tsjin har jongfeinten: 'Jimme moatte foar my útgean, dan kom ik fuort efter jimme oan.' Mar oan har man Nabal fertelde se neat. <sup>20</sup> Wylst hja op in ezel nei ûnderen ried, wie se oan it sicht ûntlutsen troch de berch. Ynienen seach se David en syn mannen nei ûnderen kommen, op har ta. En sa moete se harren.

<sup>21</sup> David hie sein: 'Om 'e nocht haw ik al wat dy fint yn 'e woestyn hat beskerme, dat er fan al sines neat mist hat. No wurdt goeddwaan mei stank beleanne. <sup>22</sup> God mei my oandwaan wat hy ek mar wol as ik moarnier fan syn famylje ek mar ien fint fan him sparje!'

### **Abigaïl komt David tsjin**

<sup>23</sup> Doe't Abigaïl David seach, sprong se hastich fan de ezel ôf, liet har flak foar David falle en bûgde har nei de grûn. <sup>24</sup> Sy foel foar syn fuotten del en sei: 'Ik bin skuldich, myn hear. Lit jo tsjinstfaam jo persoanlik oansprekke. Lústerje nei de wurden fan jo tsjinstfaam. <sup>25</sup> Lit myn hear him dochs neat oanlûke fan dy man fan neat, fan Nabal. Want sa as syn namme is, sa is er sels ek. Nabal hjit er en in dwaas is er. Mar ik, jo tsjinstfaam, haw myn hear syn jongfeinten, dy't jo stjoerd hiene, net sjoen. <sup>26</sup> En no, myn hear, sa wier as de HEAR libbet en as jo libje, it is de HEAR dy't jo tsjinholden hat om jo skuldich te meitsjen oan bloedferjitten en sa it rjocht yn eigen hân te nimmen. Ik hoopje dat it mei jo fijannen en dy't derop út binne om myn hear kwea te dwaan, gean sil as mei Nabal. <sup>27</sup> Lit dit geskink dat jo tsjinstfaam foar myn hear meinommen hat, jûn wurde oan 'e jongfeinten dy't myn hear op syn tochten folgje. <sup>28</sup> Ferjou de oertrêding fan jo tsjinstfaam. Want de HEAR sil foar myn hear wis in fêst hûs bouwe, want myn hear fiert

de oarloggen fan de HEAR en al jo libbensdagen is der gjin kwea by jo fûn. <sup>29</sup> En komt der in minske oerein om jo te efterfolgjen en jo nei it libben te stean, dan sil it libben fan myn hear bewarre wurde yn 'e bondel fan 'e libbenen by de HEAR, jo God. Mar it libben fan jo fijannen sil hy fuortslingerje, lykas in stien út in slinger." <sup>30</sup> As de HEAR dan myn hear al it goede docht dat hy jo tasein hat, en hy hat jo as in foarst oer Israel oansteld, <sup>31</sup> dan mei it gjin obstakel foar myn hear wêze, dat jo jo gewisse belêste hawwe troch ûnskuldich bloed te ferjitten en sa it rjocht yn eigen hân te nimmen. En as de HEAR myn hear dan goed dien hat, tink dan oan jo tsjinstfaam.' <sup>32</sup> Doe sei David tsjin Abigaïl: 'Priizge is de HEAR, de God fan Israel, dy't jo hjoed stjoerd hat om my te moetsjen. <sup>33</sup> Priizge is jo ynsjoch en seinige meie josels wêze, dat jo my dizze dei tsjinholden hawwe om my skuldich te meitsjen oan bloedferjitten en it rjocht yn eigen hân te nimmen. <sup>34</sup> Want sa wier as de HEAR, de God fan Israel, libbet, dy't my tsjinholden hat om jo kwea te dwaan: as jo my net sa hastich yn 'e mjitte gien wiene, dan soe fan Nabal by it ljochtsjen fan de moarntiid gjinien man oerbleaun wêze.' <sup>35</sup> Doe naam David oan wat sy foar him meinommen hie, en hy sei tsjin har: 'Jo kinne gerêst nei hûs ta gean. Ik haw nei jo harke en foldoch oan jo fersyk.'

### **Dea fan Nabal**

<sup>36</sup> Doe't Abigaïl wer by Nabal kaam, hold hy krekt in feestmiel yn syn hûs, as in keningsmiel. Nabal hie in fleurich sin, en hy wie smoardronken. Dat sy fertelde him hielendal neat, oant it de moarns ljocht waard. <sup>37</sup> Mar de oare moarns doe't Nabal syn rûs útsliept hie, fertelde syn frou him wat der bard wie. Hy krige in hertoanfâl, en sakke roerleas yninoar. <sup>38</sup> Tsiende dagen letter sloech de HEAR him, en hy stoar. <sup>39</sup> Doe't David hearde dat Nabal stoarn wie, sei er: 'Priizge is de HEAR dy't foar my pleite hat en myn smaad op Nabal ferhelle hat, en dy't syn tsjinstfeint tsjinholden hat fan kwea. De HEAR hat Nabal jûn wat er fertsjinne hie.'

### **David trout mei Abigaïl**

Dêrop stjoerde David boaden nei Abigaïl om har te sizzen dat er har as frou woe. <sup>40</sup> En Davids tsjinstfeinten kamen by Abigaïl yn Karmel en seine tsjin har: 'David hat ús nei jo ta stjoerd om jo te heljen om syn frou te wurden.' <sup>41</sup> Doe kaam sy oerein en bûgde har mei it gesicht op 'e grûn en sei: 'Jo tsjinstfaam wol de slavinne wêze dy't myn hear syn tsjinstfeinten de fuotten wasket.' <sup>42</sup> Abigaïl makke har hastich klear en gie op de ezel sitten. Mei fiif fan har jongfammen efter har oan folge sy Davids boaden en waard syn frou.

<sup>43</sup> David wie al trouw mei Achinoâm út Jizreël. Sa wiene beide syn frou. <sup>44</sup> Wat Mikal, David syn frou, oanbelanget, Saul hie syn dochter oan Palty jûn, de soan fan Laïsj út Gallim.

## David sparret Saul wer

<sup>1</sup> De Sifiten kamen by Saul yn Gibeä en seine: 'Witte jo dat David him ferskûlet op 'e heuvel Chakila, by de wyldernis?' <sup>2</sup> Doe kaam Saul oerein en gie nei de woestyn fan Sif mei trijetûzen útsochte manlju fan Israel om David te sykjen yn de woestyn fan Sif. <sup>3</sup> Saul sloech syn legerkamp op op 'e heuvel Chakila by de wyldernis. Doe't David, dy't yn 'e woestyn tahold, fernaam dat Saul efter him oan kommen wie nei de woestyn, <sup>4</sup> stjoerde er ferkenneren út en krige sa de befêstiging dat Saul kommen wie. <sup>5</sup> En David kaam oerein en gie nei it plak dêr't Saul syn legerkamp opslein hie. David beseach it plak dêr't Saul en Abner, de soan fan Ner, de oanfierder fan syn leger, leine te sliepen. Saul lei midden yn it kamp en it folk wie rûnom him legere. <sup>6</sup> Doe naam David it wurd en sei tsjin Achimêlek, de Hetyt, en tsjin Abisjai, de broer fan Joäb, waans mem Serûja wie: 'Wa giet mei my mei nei Saul yn it legerkamp?' Abisjai sei: 'Ik gean mei!' <sup>7</sup> Nachts kamen David en Abisjai oan by it leger en se seagen dat Saul lei te sliepen midden yn it kamp en op it hollenein stie syn spear yn 'e grûn. Abner en it folk leine om him hinne. <sup>8</sup> En Abisjai sei tsjin David: 'God hat hjoed jo fijân oan jo útlevere. Lit my him dochs yn ien kear mei dy spear oan de grûn stekke, en it sil gjin twadde kear hoege.' <sup>9</sup> Mar David sei tsjin him: 'Meitsje him net fan kant, want nimmen slacht de hân oan de salvling fan de HEAR en giet frijút.' <sup>10</sup> David sei: 'Sa wier as de HEAR libbet, de HEAR sels sil him treffe. De dei sil komme dat er stjert, of hy sneuvelet yn 'e striid.' <sup>11</sup> De HEAR mei my derfoar bewarje dat ik de hân slaan soe oan de salvling fan de HEAR. Mar nim dochs de spear dy't oan it hollenein stiet en de wetterkrûk en lit ús weromgean.' <sup>12</sup> David naam de spear en de wetterkrûk by it hollenein fan Saul wei en doe giene se. Der wie net ien dy't it seach, net ien dy't der erch yn hie of dy't wekker waard, want elkenien slepte, omdat de HEAR harren yn in djippe sliep falle litten hie.

<sup>13</sup> Doe't David oan 'e oare kant fan 'e delling kommen wie, gie er yn 'e fierte op 'e berchtop stean, dat der in grutte ôfstân tusken harren wie. <sup>14</sup> David rôp nei it folk en Abner, de soan fan Ner, en sei: 'Jouwe jo gjin antwurd, Abner?' Abner antwurde: 'Wa bisto dy't nei de kening ropt?' <sup>15</sup> David sei tsjin Abner: 'Jo binne dochs in man? Wa is oan jo gelyk yn Israel? Wêrom hawwe jo dan de wacht net holden oer jo hear, de kening? Want der is ien út it folk kommen om de kening, jo hear, fan kant te meitsjen.' <sup>16</sup> Dit is net sa bêst wat jo dien hawwe. Sa wier as de HEAR libbet, jimme hawwe de dea fertsjinne, want jimme hawwe de wacht net holden oer jimme hear, de salvling fan de HEAR. Sjoch ris by it hollenein fan 'e kening: wêr is syn spear en wêr syn wetterkrûk?' <sup>17</sup> Saul koe David oan syn stim en hy sei: 'Is dat dyn stim, myn soan David?' David sei: 'It is myn stim, myn hear de kening.' <sup>18</sup> Hy sei: 'Wêrom efterfolget myn hear syn tsjinner sa? Want wat haw ik dien? Hokker kwea haw ik dien?' <sup>19</sup> Lit myn hear de kening no dan harkje nei de wurden fan syn tsjinstfeint. As de HEAR jo tsjin my opstokelet, lit dan in ynlik offer him gerêststelle, mar as it minsken binne, lit de HEAR se dan ferflokke. Want hjoed ferdriuwe se my fan it grûngebiet fan de HEAR en sizze: "Gean fuort en tsjinje oare goaden." <sup>20</sup> Lit myn bloed no dan net op frjemde grûn falle, fier fan de HEAR. Want de kening fan Israel

is útgien om ien inkelde flie te sykjen, sa't men yn de bergen jacht makket op in patriis.'

<sup>21</sup> Doe sei Saul: 'Ik haw ferkeard dien. Kom werom, myn soan David, want ik sil dy gjin kwea mear dwaan, omdat myn libben hjoed sa kostber west hat yn dyn eagen. Ik haw dwaas dien en haw tige ferkeard west.'<sup>22</sup> David antwurde: 'Hjir is de kening syn spear. Lit ien fan jo jongfeinten oer komme en him meinimme.'<sup>23</sup> De HEAR sil elk syn deugdsumens en trou ferjilde. De HEAR hie jo hjoed oan my útlevere, mar ik woe de hân net oan 'e salvlng fan de HEAR slaan.<sup>24</sup> En sa't jo libben hjoed kostber west hat yn myn eagen, sa sil myn libben kostber wêze yn de eagen fan de HEAR. Lit him my rêde út alle need.'

<sup>25</sup> Doe sei Saul tsjin David: 'Seinige bisto, myn soan David. Watst ek dochst, do silst it wis oprêde.' Doe gie David syn wei en Saul gie werom nei syn plak.

## 27

### David by de Filistinen

<sup>1</sup> David tocht by himsels: De ien of oare dei sil ik no wol deade wurde troch Saul. It is foar my better dat ik hastich útwyk nei it lân fan de Filistinen. Dan sil Saul it oerjaan om my noch langer te sykjen yn it hiele gebiet fan Israel en dan sil ik him ûntkomme.<sup>2</sup> Doe makke David him klear en hy gie mei syn seishûndert man dy't by him wiene, nei Akisj, Maök syn soan, de kening fan Gat.<sup>3</sup> David en syn mannen setten harren nei wenjen by Akisj yn Gat, elk mei syn húshâlding: David mei syn beide froulju, Achinoâm út Jizreël en Abigail, de widdo fan Nabal, út Karmel.<sup>4</sup> Doe't Saul ferteld waard dat David flechte wie nei Gat, socht er net langer om him.

<sup>5</sup> David sei tsjin Akisj: 'As jo it goed mei my foar hawwe, lit harren my dan in plak jaan yn ien fan de plattelânsstêden, om yn te wenjen. Jo tsjinner kin dochs net by jo yn 'e keninklike stêd wenje?'<sup>6</sup> Doe joech Akisj him dyselde deis Siklach. Dêrom is Siklach oant hjoed-de-dei fan 'e keningen fan Juda.<sup>7</sup> David wenne in jier en fjouwer moanne op it Filistynske plattelân.

### David's ynfallen

<sup>8</sup> David en syn mannen giene derop út en oerfoelen de Gesjûriten, de Girziten en de Amalekiten, want dy wiene fanâlds de bewenners fan dat lân, de kant út nei Sjûr, oan Egypte ta.<sup>9</sup> Wannear't David yn harren lân tasloech, liet er man noch frou yn libben. Hy naam skiep, kij, ezels, kamielen en klean en kearde werom nei Akisj.<sup>10</sup> As Akisj dan sei: 'Wêr hawwe jimme hjoed ynfallen dien?', dan sei David: 'Yn it suden fan Juda,' of: 'Yn it suden fan it gebiet fan de Jerachmeëlitien,' of: 'Yn it suden fan it gebiet fan de Keniten.'<sup>11</sup> David liet gjin inkelde man of frou yn libben om se nei Gat mei te fieren. Want, tocht er, se mochten der ris oer fertelle en sizze: 'Sa hat David dien.' Sa gie David te wurk, it hiele skoft dat er yn it lân fan de Filistinen wenne.<sup>12</sup> Akisj fertroude op David. Hy tocht: Hy hat it by syn eigen folk yn Israel ferbruid, dêrom sil er my foar altyd tsjinje.

<sup>1</sup> Yn dy tiid makken de Filistinen de legers ree foar de striid tsjin Israel. Akisj sei tsjin David: 'Do witst fansels wol datsto en dyn mannen mei my en it leger oplûke moatte.'

<sup>2</sup> David antwurde: 'Dan sille jo gewaarwurde wat jo tsjinner kin.' En Akisj sei tsjin David: 'Dêrom stel ik dy oan as myn liifwacht foar altiten.'

### Saul yn Endor

<sup>3</sup> Samuël wie stoarn en hiel Israel hie him beskriemd. Sy begroeven him yn Rama, yn syn stêd. Saul hie de deadegeastbelêzers en wiersizzers it lân út set.

<sup>4</sup> De Filistinen brochten harren leger byinoar. Sy kamen en legeren harren yn Sjûnem. Saul mobilisearre hiel Israel en sy legeren harren yn Gilboä. <sup>5</sup> Doe't Saul it leger fan de Filistinen seach, waard er bang en in grutte skrik sloech him om it hert. <sup>6</sup> En Saul rieplachte de HEAR, mar de HEAR antwurde him net. Net troch dreamen, net troch de orakelstiennen en net troch de profeten. <sup>7</sup> Doe sei Saul tsjin syn tsjinstfeinten: 'Sykje foar my in frou mei macht oer de deade geasten, dan gean ik nei har ta om in útspraak te freegjen.' Syn tsjinstfeinten seine tsjin him: 'Der is in frou yn Endor mei macht oer de deade geasten.'

<sup>8</sup> Doe fermomme Saul him en die oare klean oan. Hy gie mei twa fan de manlju op 'en paad. Sy kamen yn 'e nacht by de frou en hy sei: 'Jo moatte wiersizze foar my troch de geast fan in deade. Lit foar my immen opkomme, dy't ik jo neame sil.' <sup>9</sup> Mar de frou antwurde: 'Jo witte wat Saul dien hat: de deadegeastbelêzers en wiersizzers yn it lân hat hy útrûge. Wêrom wolle jo my der no ynrinne litte en my deadzje?' <sup>10</sup> Mar Saul swarde har by de HEAR: 'Sa wier as de HEAR libbet, om dizze saak sille jo gjin straf krije.' <sup>11</sup> Doe sei de frou: 'Wa moat ik foar jo opkomme litte?' Hy sei: 'Lit Samuël opkomme.' <sup>12</sup> Doe't de frou Samuël seach, skreaude sy it út. Se sei tsjin Saul: 'Wêrom hawwe jo my bedreagen? Jo binne Saul!' <sup>13</sup> De kening antwurde har: 'Net bang wêze. Wat hawwe jo sjoen?' De frou sei tsjin Saul: 'Ik haw in godlik wêzen út de ierde opkommen sjoen.' <sup>14</sup> Hy frege har: 'Hoe sjocht er derút?' Sy sei: 'Der komt in âlde man op en hy hat in mantel oan.' Doe begriep Saul dat it Samuël wie, en hy knibbele del en bûgde him foaroer mei it gesicht op 'e grûn. <sup>15</sup> Samuël sei tsjin Saul: 'Wêrom hawwe jo my yn myn rêst steurd en my opkomme litten?' Saul sei: 'Ik sit yn grutte need. De Filistinen stride tsjin my en God hat my ferlitten. Hy jout my gjin antwurd mear, net troch middel fan de profeten en ek net troch dreamen. Dêrom haw ik jo roppen, dat jo my witte litte wat ik dwaan moat.' <sup>16</sup> Mar Samuël sei: 'Wêrom freegje jo my, wylst de HEAR jo ferlitten hat en jo fijân wurden is?' <sup>17</sup> De HEAR hat dien, lykas hy troch my foarsein hie. De HEAR hat it keningskip út jo hân skuord en it oan in oar jûn, oan David, <sup>18</sup> omdat jo net harke hawwe nei de stim fan de HEAR en de gloede fan syn lilken tsjin Amalek net útfierd hawwe. Dêrom docht de HEAR dit hjoed mei jo. <sup>19</sup> De HEAR sil ek Israel mei jo yn 'e macht fan de Filistinen jaan. Moarn sille jo en jo soannen by my wêze. De HEAR sil ek it leger fan de Israeliten yn 'e macht fan de Filistinen jaan.' <sup>20</sup> Doe foel Saul langút oer de grûn, tige ûntdien troch

Samuël syn wurden. Hy hie gjin krêft mear yn him, want hy hie de hiele dei en de hiele nacht neat iten.

<sup>21</sup> De frou gie nei Saul ta, en doe't sy seach dat er tige oerstjoer wie, sei sy tsjin him: 'Jo tsjinstfaam hat nei jo harke en ik haw myn libben yn jo hân jûn. Ik haw harke nei de wurden dy't jo tsjin my seine. <sup>22</sup> Harkje jo dan no ek nei jo tsjinstfaam. Lit my jo no in stikje bôle foarsette. Jo moatte ite, dan komme jo wer wat op krêften, as jo wer fierder geane.' <sup>23</sup> Mar hy wegere en sei: 'Ik wol net ite.' Mar syn tsjinstfeinten en ek de frou stiene der by him op oan en hy harke nei harren. Doe kaam er oerein fan 'e grûn en gie op it bêd sitten. <sup>24</sup> De frou hie in fetmeste keal yn 'e hûs en sy slachte dat hastich. Doe naam se moal, bekniep it en bakte dêr net suorre bôle fan. <sup>25</sup> Sy sette dat Saul en syn tsjinstfeinten foar en sy ieten. Dêrnei kamen se oerein en dyselde nachts giene se fuort.

## 29

### David wurdt weromstjoerd

<sup>1</sup> De Filistinen hiene al harren legers byinoar brocht yn Afek, wylst de Israeliten legere wiene by de welle yn Jizreël. <sup>2</sup> Doe't de foarsten fan 'e Filistinen yn ôfdielingen fan hûndert en fan tûzen foarby teagen, wiene David en syn mannen mei Akisj de lêsten. <sup>3</sup> 'Wat sille dizze Hebreërs?', seine de oanfierders fan de Filistinen. Akisj antwurde: 'Mar dit is dochs David, de tsjinner fan Saul, de kening fan Israel, dy't al jier en dei by my is? Fan de dei dat er oerrûn is oant no ta haw ik neat op him oan te merken hân.' <sup>4</sup> Mar de Filistynske oanfierders wiene lilck op him en seine tsjin him: 'Stjoer dy man werom. Lit him weromkeare nei it plak dat jo him oanwiisd hawwe om te wenjen, mar hy mei net mei ús meigean, de oarloch yn. Hy soe ús tsjinstanner wurde kinne yn de oarloch. Wêr soe dy man syn hear mear plezier mei dwaan kinne as mei de hollen fan dizze manlju?' <sup>5</sup> Is it dizze David net dêr't se yn 'e rige dûnsjend oer songen: "Saul hat syn tûzenen ferslein, mar David syn tsientûzenen."?'

<sup>6</sup> Doe rôp Akisj David en sei tsjin him: 'Sa wier as de HEAR libbet, jo binne oprjocht, en it like my goed ta dat jo mei my en it leger meifjochtsje soene, want ik haw, sûnt de deis dat jo by my kamen oan hjoed-de-dei ta, neat tsjin jo, mar de foarsten hawwe it net op jo stean. <sup>7</sup> Jo moatte rêstich weromgean en gjin oanstjit jaan oan de Filistynske foarsten.' <sup>8</sup> Mar David sei tsjin Akisj: 'Wat haw ik dien? Wat hawwe jo op jo tsjinstfeint oan te merken hân, fan de dei ôf dat ik by jo kommen bin oan hjoed-de-dei ta, dat ik net meigean kin en fjochtsje tsjin de fijannen fan myn hear, de kening?' <sup>9</sup> Akisj antwurde: 'Ik wit it. Foar my is it as hat God sels jo stjoerd. Mar de Filistynske foarsten hawwe sein: "Hy sil net mei ús oplûke yn 'e oarloch.'" <sup>10</sup> Dat jo moatte der moarnier betiid ôf, mei de feinten fan jo hear, dy't mei jo kommen binne, en fuortgean yn de moarn, sadree't it ljocht is.' <sup>11</sup> Doe giene David sels en syn mannen der betiid ôf om de moarns fuort te gean, werom nei it lân fan de Filistinen. En de Filistinen teagen op nei Jizreël.

### David fynt Siklach yn pún

<sup>1</sup> Doe't David en syn mannen de tredde deis yn Siklach oankamen, hiene de Amalekiten in streuptocht ûndernommen yn it suden en yn Siklach. Se hiene Siklach ynnommen en it yn 'e brân stutsen. <sup>2</sup> De froulju, dy't yn 'e stêd wiene, hiene se, fan jong oant âld, meinommen. Se deaden net ien, mar hiene se fuortfierd en wiene harren wei gien. <sup>3</sup> Dat doe't David en syn mannen nei de stêd kamen en seagen dat dy troch it fjoer ferbrând wie en dat harren froulju, soannen en dochters meinommen wiene, <sup>4</sup> begûnen se lûdop te gûlen, oant se net mear koene. <sup>5</sup> Ek David syn beide froulju, Achinoâm, de Jizreëlityske, en Abigaïl, de frou fan de Karmelyt Nabal, wiene meinommen. <sup>6</sup> David kaam tige yn 'e knipe, want it folk hie it deroer om him te stiennigjen. Want hiel it folk wie ferbittere, elk oer syn eigen soannen en dochters. Mar David fûn krêft by de HEAR, syn God. <sup>7</sup> David sei tsjin de pryster Abjatar, de soan fan Achimêlek: 'Bring dochs de efod by my.' Doe brocht Abjatar de efod. <sup>8</sup> En David frege de HEAR: 'Sil ik dizze binde efterfolgje en sil ik se dan ynhelje?' Hy antwurde him: 'Efterfolgje se, want do silst se foarfêst ynhelje en de froulju en bern rêde.' <sup>9</sup> Doe gie David mei de seishûndert man dy't er by him hie fuort. Se kamen oan by de beek Besor wylst in diel dêr bleau. <sup>10</sup> Mei fjouwerhûndert man efterfolge David harren. Twahûndert manlju, dy't te wurch wiene om oer de beek Besor te gean, bleaune efter. <sup>11</sup> Se troffen in Egyptner yn it fjild oan en se namen him mei nei David. Se joegen him wat brea te iten en wat wetter te drinken. <sup>12</sup> Ek joegen se him in stik figekoeke en twa rezinekoeken. Doe't er iten hie, kaam er wer wat ta himsels, want hy hie yn trije dagen en nachten gjin iten en drinken hân. <sup>13</sup> Doe sei David tsjin him: 'By wa hearsto en wêr komsto wei?' Hy sei: 'Ik bin in Egyptner en de tsjinner fan in Amalekyt. Myn hear hat my efterlitten om't ik trije dagen lyn siik wurden bin. <sup>14</sup> Wy hawwe in streuptocht ûndernommen yn it suden fan de Keretiten, yn it gebiet fan Juda en yn it suden fan Kaleb. En Siklach hawwe wy platbrând.' <sup>15</sup> Dêrop sei David tsjin him: 'Wolsto my by dy binde bringe?' Hy sei: 'Swar my by God dat jo my net deadzje sille en my net oan myn hear útleverje. Dan sil ik jo by dy binde bringe.'

### De Amalekiten ferslein

<sup>16</sup> Doe brocht er harren dêrhinne. Se leine fersille oer it hiele gea, te iten, te drinken en feest te fieren fan 'e hiele grutte bú't dy't se meinommen hiene út it Filistynske en it Judeeske lân. <sup>17</sup> David foel harren oan fan de moarnsskimer ôf oan de jûns fan de oare deis ta. Net ien fan harren ûntkaam, op fjouwerhûndert jongfeinten nei, dy't op kamielen rieden en flechten. <sup>18</sup> Sa rêde David alles wat de Amalekiten meinommen hiene, ek syn beide froulju. <sup>19</sup> Net ien fan harren waard mist, fan jong oant âld. Ek de soannen en dochters en de bú't dy't se meinommen hiene, alles hat David werombrocht. <sup>20</sup> David naam alle skiep en kij mei. Se dreane dat fee foar harren út en seine: 'Dit is Davids bú't.' <sup>21</sup> Doe't David tichter by de twahûndert manlju by de beek Besor kaam, dy't te wurch

west hiene om efter David oan te gean en dy't se dêr bliuwe litten hiene, kamen dy David en it folk dat er by him hie, yn 'e mjitte. David gie nei de minsken ta en frege harren hoe't it dermei wie. <sup>22</sup> Mar alle ferkearde lju en de dogeneaten ûnder de manlju dy't mei David meigien wiene, protestearren: 'Omdat sy net mei ús meigien binne, krije se ek neat fan de bút dy't wy rêden hawwe. Oars net as dat elk syn eigen frou en bern meinimme kin en lit se dan gean.' <sup>23</sup> Mar David sei: 'Sa moatte jimme net dwaan, myn bruorren, mei wat de HEAR oan ús jûn hat! Hy hat ús bewarre en de binde dy't ús oerfallen hie, yn ús macht jûn. <sup>24</sup> Wa soe yn dizze saak jimme gelyk jaan? Nee, sy dy't mei yn 'e striid gien binne, krije likefolle as dy't by de foarrieden bleaun binne. Mei-inoar sille sy diele.' <sup>25</sup> Dy dei stelde David dat yn as in foarskrift foar Israël. Dit rjocht jildt yn Israël oan hjoed-de-dei ta.

<sup>26</sup> Doe't David yn Siklach kaam, stjoerde er in part fan 'e bút oan de âldsten fan Juda, dy't syn freonen wiene, mei it boadskip: 'Hjir is in geskink foar jimme fan de bút fan de fijannen fan de HEAR.' <sup>27</sup> It wiene de âldsten yn Bet-El, yn Ramot-Súd, <sup>28</sup> yn Jattir, yn Aroër, yn Sifmot, yn Esjtemoä, <sup>29</sup> yn Rakal, yn de stêden fan 'e Jerachmeëlit en dy yn 'e stêden fan de Keniten, <sup>30</sup> dy yn Chorma, yn Bor-Asjan, yn Atak, <sup>31</sup> yn Hebron en yn alle plakken dêr't David mei syn mannen omswalke hie.

## 31

### Sauls dea

<sup>1</sup> Undertusken strieden de Filistinen tsjin Israel en de mannen fan Israel flechten foar de Filistinen en in soad sneuvelen yn it berchlân Gilboä. <sup>2</sup> De Filistinen hellen Saul en syn soannen yn en deaden syn soannen Jonatan, Abinadab en Malkisjûa. <sup>3</sup> De striid wie swier foar Saul. Doe't de bôgesjitters him yn 't each krigen, trille er fan benaudens. <sup>4</sup> En Saul sei tsjin syn wapendrager: 'Lûk dyn swurd en stek my dêrmei del. Dizze ûnbesnienen meie net komme en my trochstekke en de spot mei my driuwe.' Mar syn wapendrager woe it net, want hy doarst it net oan. Doe naam Saul sels it swurd en liet him deryn falle. <sup>5</sup> Doe't de wapendrager seach dat Saul dea wie, liet hy him ek yn syn swurd falle en stoar mei him. <sup>6</sup> Sa stoaren Saul, syn trije soannen, syn wapendrager en ek al syn mannen mei-inoar, op ien dei. <sup>7</sup> Doe't de Israeliten dy't oan 'e oare kant de delling en oan 'e oare kant de Jordaan wennen, seagen dat de Israeliten flechte wiene en hearden dat Saul en syn mannen stoarn wiene, ferlieten se harren stêden en flechten. De Filistinen kamen en besetten dy stêden.

<sup>8</sup> De oare deis kamen de Filistinen om de liken te plonderjen. Yn it berchlân Gilboä fûnen se de lichems fan Saul en syn trije soannen. <sup>9</sup> Sy hakken syn holle derôf en diene him syn wapenrissing út. En sy lieten it goede nijs yn it Filistynske lân rûngean en bekend meitsje yn de timpels fan harren ôfgoaden en oan it folk. <sup>10</sup> Se setten syn wapenrissing yn de timpel fan Asjarot, mar syn lichem spikeren se oan de muorre fan Bet-Sjan.

<sup>11</sup> Doe't de ynwenners fan Jabesj yn Gileäd hearden wat de Filistinen mei Saul dien

hiene, <sup>12</sup> makken alle striidbere mannen harren klear, giene de hiele nacht troch en namen it lichem fan Saul en dy fan syn soannen fan de muorre fan Bet-Sjan. Doe't se wer yn Jabesj kamen, ferbrânden sy dy dêr. <sup>13</sup> Sy namen harren bonken en begroeven se ûnder de tamarisk yn Jabesj. Doe fêsten sy sân dagen.